

[1620] Sytse Jan van der Molen as Frysk en Nederlânsk folkskundige

Abe de Vries

Summary. The publications of the Frisian folklorist, publicist and journalist Sytse Jan van der Molen (1912-1995) show a fascinating tension between traditional and modernizing influences in folkloristics and cultural science, both before as well as after his collaboration with the German occupation authorities during the Second World War. How did this affect his writing, and how did it influence their reception? This article explores not only the conservative mindset with which he set out in the 1930s, but also suggests the necessity of further research on his wartime activities. Moreover, it points out several themes in his publications after the war which put him at the forefront of Frisian and Dutch folkloristics.

1. Ynlieding

Net inkeld folkskundige en skriuwer J. J. Voskuil yn syn romansyklus *Het Bureau*, ek dy syn kollega-folkskundige en rjochterhân Ton Dekker hat in nochal delheljend byld jûn fan 'e ôfdieling Folkskunde fan it Meertens Instituut yn Amsterdam yn 'e sechstiger jierren.¹ Dekker kaam as wurkstudint by it ynstituut yn 1963. Yn in fraachpetear koart foar syn pinsjoen jout er in ympresje fan 'e yntellektuele stilstân op 'e burelen (Wijers 1999, 106):

(..) maar ik heb wat afgeleden in die eerste jaren. Verschrikkelijk. Echt verschrikkelijk, omdat ik absoluut niet wist wat het vak inhield. En mijn geliefde baas [Voskuil – AdV] wist dat ook helemaal niet. We hadden ook niet de behoefte om die zaken te gaan onderzoeken. Bijvoorbeeld zo'n hoofdstuk van Van der Molen over feesten. Dat vonden we vreselijk: al die mensen die daar aan het hossen zijn en onbenullige alledaagse dingen doen. Ik vond die moderne dingen toen helemaal niet interessant.

1. Voskuils alter ego Maarten Koning seit bygelyks oer in projekt fan doedestiids fan it Meertens Instituut, it wurk oan in Nederlânske en Europeeske folkskunde-atlas: 'The problem is that we no longer believe in that folk narrative research, if we ever did believe in it. It's pointless. You can do nothing with it' (sit. by Meder en Venbrux 2004, 203).

Oan it ynstitút hiene se dus dúdlik ‘een blinde vlek (..) voor allerlei moderne volksculturele gewoonten en gebruiken’ (Van der Zeijden 2000, 39). Dekker hie mar ien taak, dat wie stekwurden op kaartsjes ynfolje oangeande publikaasjes op syn fakgebiet. Undersyksartikels hoegde er net te skriuwen. De Amsterdamske folkskundigen waarden neffens Dekker krekt wekker skodde oan ’e ein fan ’e sechstiger jierren, doe’t se yn ’e kunde kamen mei it baanbrekkende wurk fan de Dútske folkskundige Hermann Bausinger en yn dy syn slipstream de ‘Tübingers’ (ûnder oaren Utz Jeggle en Klaus Geiger). Dy pleiten foar in eigentiidske folkskunde, dy’t net inkeld nei tradisjonele tema’s sjen soe, lykas folksferhalen en folksdûnsjen, mar ek omtinken jaan soe oan kontemporêne kulturele ferskynsels yn it deistige libben. Wer Dekker (Wijers 1999, 105):

Maar toen verscheen Bausingers *Volkskultur in der technischen Welt* en - dat is natuurlijk ook de schok bij Han Voskuil geweest -, daar las ik dat al deze verschijnselen nooit ophouden maar gewoon in eindeloze gedaanteverwisselingen doorgaan. Dan denk je: jeetje, hoort dat ook bij de folkskunde: een haringfeest en vlaggetjesdag? Ja, wanneer kregen wij dat boek in handen? Dat was in 1961 verschenen, maar dat kreeg ik pas medio 1968 in handen. (..) De ogen gingen wel open, maar daar werd voor mij het vak niet leuk door. Ik dacht: mijn hemel, dat gaat allemaal door. En je zult zelfs nog weleens gedwongen worden om je met dit soort zaken actief bezig te houden.

Lykas Bausinger syn wurk wie it hânboek *Levend volksleven* fan de Fryske folkskundige Van der Molen, it boek dat ‘we’ op it Meertens Instituut sa freeslik fûnen, yn 1961 ferskynd. En yn essinsje brocht it, hoewol folle minder filosofysk fan opset, itselde boadskip: it wurkfjild fan ’e folkskunde soe ferbrede wurde moatte, sadat de dissipline ek ferskynsels út de eigen tiid beslaan soe. Van der Molen hat lykwols net de eare krige dy’t er miskien wol in bytsje fertsjinne, sa liket it. Hy wie wol ‘goed op de hoogte van de nieuwe theoretische inzichten’, en hie yn *Levend volksleven* in ‘verrassend nuchter en actueel beeld van de Nederlandse volkscultuur’ jûn, ‘waarbij hij de oude interpretaties aangaande oorsprong en betekenis zorgvuldig uit de weg gaat’ (Dekker 2000, 52). Mar se woene by it Meertens Instituut no ienris ôfweve mei ‘de oude concepten van traditie, volk en volksaard’; konsepten dy’t krekt mei syn generaasje assosjearre waarden (Dekker 2000, 52). Dêrby spile syn oarlochsferline ek mei (Van der Zeijden 2000, 41). It kaam ‘de Amsterdammers’ net bysûnder goed út om him as in foarrinner ôf te skilderjen.

Yn dit opstel wol ik besykje in motivearre byld te jaan fan de betsjutting fan Van der Molen as folkskundige. As in sawol tradisjoneel as fernijend, en as in sawol Frysk as Nederlânsk folkskundige. Hoe hat dat dûbele spanningsfjild syn wurk en de resepsje derfan beynfloede? Om op dy matearje grip te krijen, sil ik benammen yngean op syn pleatsebou-ûndersyk, op syn posysje yn diskusjes oer it fakgebiet om 1960-1970 hinne, en op syn krityk op it Fryske folksferhaleûndersyk nei 1960. Earst yntrodusearje ik him mei in eksploraasje fan syn tinken oer folks-, boere- en plattelânskultuer foar de oarloch. Dêrby meitsje ik ek in stikmannich biografyske notysjes.

2. *‘Alles wordt gewoner, doodscher, kouder, prozaischer’*

Sytse Jan van der Molen (1912-1995) waard berne yn it doarp Huzum, súdlik fan Ljouwert, yn 'e húshâlding fan Durk van der Molen, treinpost-beamte, en Grietje Hider. Syn mem stoar al in pear moanne nei syn berte. It jier dêrnei teach syn heit nei Amsterdam en kaam lytse Sytse Jan te wenjen by Durk Wielinga, direkteur fan 'e Coöperatieve Aankooporganisatie Friesland (de C.A.F., dy't kollektive feefoer-ynkeap foar boeren fersoarge) en dy syn frou Geertrui Hider, in suster fan syn mem. Krekt doe't er tolve jier âld wie, hearde er dat dy minsken net syn echte heit en mem wienen.² Nei syn fuortgean by de C.A.F. yn 1919 begûn Wielinga in soarte fan supermerk avant la lettre oan de Skrâns yn Huzum. It bedriuw waard yn 'e krisisjierren, septimber 1935, beëinige om plak te meitsjen foar in slachterij fan in oar.

Van der Molen folge in oplieding oan de kweekskoalle yn Ljouwert, dy't er ôfrûne mei as iennichste fan syn jier in oantekening foar tekenjen. Om't er gjin wurk fine koe as ûnderwizer waard er sjoernalist. Syn spesjale belangstelling gou Fryske folkloristyk en Fryske kultuer yn it algemien. Syn earste stikken ferskynden yn it *Leeuwarder Nieuwsblad* en de *Dragtster Courant*. Hy ferhuze nei Drachten, mar doe't er yn 1935 fêste meiwurker wurde koe oan de Hepkema-kranten *Leeuwarder Nieuwsblad* en *Nieuwsblad van Friesland* ferfear er nei It Hearrefean. Yn 1936 troude er mei de yn Roosendaal berne Jacoba Sterkenburg.

Al fan 1932 ôf stoarte Van der Molen him, 20 jier jong, op 'Fryslân'. Hy sleat him oan by de Fryske beweging en begûn te publisearjen oer stienhouwersmerken, wettergongen, âlde fjildnammen, de histoarje fan 'e pleatsebou en Fryske sêgen en folksferhalen. Fierders skreau er Frysktalige gedichten

2. Fraachpetear mei Ydwine van der Molen, 6 jannewaris 2023. Oare biografyske details yn dit artikel binne basearre op literatuer- en krante-ûndersyk en mailwikselingen of pe-tearen mei prof. dr. Philippus Breuker, Pieter de Groot, Kerst Huisman en Hylke Speerstra.

en makke er tekeningen, dy't ûnder oaren yn it moanneblêd *It Heitelân* ferskynden. Dêr waard er yn 1936 redakteur fan, neist Jan Winkelman en Jelle Brouwer. Syn earste en iennichste dichtbondel *Utsjuch* ferskynde twa jier letter. Polityk sjoen hie er affiniteit mei de 'folkske' rjochting, dy't yn Fryslân laat waard troch Jan Melles van der Goot, Douwe Hermans Kiestra en Rintsje Piter Sybesma, hoewol't er gjin lid waard fan de faksistyske Fryske Folkspartij. It rassistyske kearnidee fan 'e mearderwaardigens fan it iene boppe it oare ras wiisde er útdruklik ôf.³ Hy koe neffens eigen sizzen ek net waarm rinne foar diktatoriale regimes.⁴

As sjoernalist en ûndersiker stelde er him al dalik op as promotor fan in bysûndere Fryske boere- en plattelânskultuer dy't, yn syn eagen, derûnder strûpt ûnder druk fan 'e ekonomyske krisis yn 'e tritiger jierren en fan moderne maatskiplike prosessen as fersaakliking en modernisearing. In sterk romantysk toanset gefoel fan kultuerferlies slacht jin hieltyd út syn earste stikken temjitte. Allinnich al yn 1934 – hy is dan 22 – kin men passazjes lêze lykas:

Jammer genoeg verdwijnen onze karakteristieke, oude boerderijnamen (...).⁵

Zeer veel is, vaak geheel noodeloos, verloren gegaan en nog dagelijks verdwijnt er veel moois en merkwaardigs.⁶

Veel is verdwenen – voorgoed; veel verdwijnt nog dagelijks, wijkend voor de eischen van een nieuwere tijd, (...).⁷

De tijd schrijdt immer voort. Het nieuwe komt op en verdringt het oude. Oude zeden en gebruiken sterven af en daarmee verdwijnt tevens zooveel van de poëzie uit ons volksleven. Alles wordt gewoner, doodscher, kou-

-
3. 'Ras en folk' [ferslach fan lêzing troch VdM, op it Simmerkamp fan de Fryske Mienskip op it Amelân], *It Heitelân* (1934) 221-222: 'It ras mei in wichtich ding wêze, det for in great part lichem en siele fen de minske bipaelt, de leare fen de mearwaardigens fen hokfor ras ek, moat sûnder foarbihâld ôfwezen wirde.' Twa moanne earder hie er in ek-simplaar fan Hitlers *Mein Kampf* te keap oanbean, 'fan f. 4,50 for f. 3,25' (*Adv. Dragtster Courant* (29 juny 1934, 3)).
 4. S. J. van der Molen, *Vergeeld Dossier 1940-1950*. Typoskript, 54 siden, Tresoar, Ljouwert, side 11. Sjoch noat 21.
 5. 'Oud en nieuw uit het Zuider-trimdeel van Leeuwarderadeel', *Leeuwarder Nieuwsblad* (14 april 1934) 14.
 6. 'Oud en nieuw uit het Zuider-trimdeel van Leeuwarderadeel', *Leeuwarder Nieuwsblad* (28 april 1934) 11.
 7. 'Oude kruisen rondom het Stiensker kerkhof. Om het vee en den duivel te weren', *Leeuwarder Nieuwsblad* (19 maaie 1934) 5.

der, prozaïscher dan vroeger, en op velerlei terrein boeken wij een ernstig verlies.⁸

De Fryske skriuwer dy't him noch it meast de eagen iepene hie 'voor veel moois en merkwaardigs in ons oude grijze land' wie Waling Dykstra. En dan foaral de twa dielen fan dy syn folkloaresamling *Uit Friesland's volksleven* (1895-1896); 'door hem [werd] mij duidelijk, wat eerst vreemd en onbegrijpelijk scheen'.⁹ Mar syn belangstelling bleau net beheind ta folksferhalen; gauris krige er de fyts om yn it lânskip om him hinne te sjen nei yn syn eagen karakteristike eleminten, dy't er foaral oantrof yn ferbân mei de lânbou. 'Erde, du meine Mutter', dat sitaat fan Herder stiet boppe ien fan 'e stikken dêr't wy syn tinken út destillearje kinne.¹⁰ Fryslân is in agrarysk lân, skriuwt er, dat it ha moat fan feehâlderij en lânbou. 'En wie veeteelt en landbouw zegt, zegt bodem.' Hy merkt dan op dat begripen as 'Blut und Boden', 'bodenständig', 'die Liebe zur Scholle' en 'bodem en ras' tsjintwurdich 'in meer dan één opzicht tot ware afgoden [worden] gemaakt, maar indien ergens van aard-verbondenheid gesproken mag worden, dan is dit toch zeker in Friesland het geval'.

(..) altijd weer wordt de mensch gegrepen, ontroerd door dat wondere: de bodem, de aarde, die daar onder Gods wijde hemel ligt, en die geeft, en die geeft, altijd maar weer. Jaar op jaar, eeuw na eeuw. Tijden kwamen en wentelden voorbij, de aarde bleef. Hooge wolken trokken over, regen en zonneschijn, stilte en stormen wisselden elkaar af, maar de aarde bleef zichzelf en wachtte op den mensch, die haar zou winnen.

We leven snel tegenwoordig en we leven luid. Oogenblikken van stilte, ze zijn te tellen. We moeten voort, wij... 'hebben geen tijd', haast, spoed! Het ruischen van het korenveld, de zang van het woud, de melodie der golven? Goed voor dichters en droomers en onpractische mensen. Onze ooren zijn vol van de daver van sneltreinen, het snorren van de loopende band, het ratelen der typemachines. En toch...

De lyryske passaaasje einiget mei it oanheljen fan in strofe út in gedicht fan Obe Postma – Van der Molen sitearret him faker – dat tiid en ôfstân oerwint en 'reeksen boerengeslachten' opdaagje lit: 'It folk dat hjir syn wensté hie, /

8. 'Oude opschriften in Friesland', *Leeuwarder Nieuwsblad* (29 septimber 1934) 17.

9. 'Oude kruisen rondom het Stiensker kerkhof. Om het vee en den duivel te weren', *Leeuwarder Nieuwsblad* (19 maaie 1934) 5

10. 'Landerij-namen in Tietjerksteradeel. I. Inleiding', *Leeuwarder Nieuwsblad* (7 jannewaris 1935) 13.

En hwet er bodde en wrotte d' ieuwen oer, / En al hwet hjir troch bloei en
stjerren gong, / Kaem gear yn my.'

Dizze romantyske obsesje mei lânskip, boerekultuer en ferlies laat by de
jonge Van der Molen ta in wjeraksel tsjin de moderne tiid, dy't folle 'radi-
caler, grondiger' as earder opromming hâldt ûnder alles wat de minske mei
syn ferline ferbynt. Miskien kin men dêr net folle tsjin dwaan, skriuwt er yn
1935, mar in fraachteken is wol op syn plak: 'of onze tijd in het volle be-
wustzijn van zijn technische oppermachtigheid (..) niet lichamen en instel-
lingen verguist, die voor den mensch toch niet geheel zonder waarde zijn'.¹¹
Foar de tiid fan hjoed oer set er de tiid, noch net sa lang lyn neffens him,
doe't Fryske boeren har folle mear rjochten op de tradysje en doe't it boere-
wurk noch 'in eigen Frysk karakter' fertoande. Hy skriuwt yn datselde jier
yn in resinsje fan Van den Akkers *Van den mond der oude Middelsee*:

Oer dy stream efter ús leit it lân fan it forline; fen fierrens sjogge wy der
noch in tipke fen, in lêste weaging fen de ieuwene flagge 'tradysje'. En
foar ús leit it nije lân, de ûnbikende wrâld; rounom waeije dêr de flaggen,
folle flaggen mei devizen en leuzen en striidropen. Op hokker scil Frys-
lân ienris to seil gean? (..) minsken, net by brea allinne scille jim libje,
net de technyk en de mearje scille de wrâld lokkich meitsje, ek de geast
ha wy nedich en it bisef, det der wearden binne dy't oer alle tiden hinne it
libben stjûr en rjuchting jowe en dy't men net sûnder skea forsmite kin.¹²

It is faaks net tafallich dat ien fan 'e earste 'requisieten van een voorgaand
tijdperk' dêr't Van der Molen syn aktivisme op rjochtet, de mûne is. Mûnen
wurde by boskjes ôfbrutsen, mar mei in nij soarte fan wjukken soenen se
noch hiel goed tsjinst dwaan kinne, en faaks better as masinale gemalen,
fynt er. Ek letter, en ek nei de oarloch, hâlde mûnen syn spesjale belang-
stelling. Wy kinne dat net hielendal los sjen fan it berop fan 'e manlju út syn
foarteam yn manlike line út de santjinde en achttjinde ieu: dat wiene mûn-
ders. As er yn 1944 yn it nasjonaal-sosjalistyske blêd *Sibbe* oer dy foarteam
skriuwt, merkt er inkeld noch mar op dat de Van der Molens ea húsmanne
hawwe moatte yn 'e buert fan 'e mûne fan Surhuzum'.¹³ Mar trije fan 'e ear-

11. 'De strijd om de molens. Blijft Friesland achter bij de toepassing van het systeem-Dek-
ker?', *Leeuwarder Nieuwsblad* (23 maart 1935) 4.

12. 'Van den mond der oude Middelsee', *It Heitelân* (1935) 86. Ek dit stik krijt wer as
motto in kwatryn fan Obe Postma mei: 'Hwet lang foarby is, rôp ik op / Ta nije dei,
hjar krêft, hjar jeugd; in ljochte ring. / Hwet ienkear wie, forlern mar net forgoun /
Forskynt yn teare glans: in blider ding'.

13. 'Praatje bij een kwartierstaat', *Sibbe* 4-8 (augustus 1944) 361-368.

ste alve stikken dy't er nei de oarloch foar de *Leeuwarder Courant* skriuwt geane oer mûnen en mûnders dy't yn syn stambeam foarkomme, wylst er dy besibbens om syn publikaasjeferbod net meldt.¹⁴ Syn âldfaren hienen mûnen yn Oerterp, Beetstersweach, de Rottefalle en Surhuzum.

Yn 1936 begjin er te publisearjen oer de histoarje fan 'e Fryske pleatsebou, en dêr fine wy ek wer de motivaasje fan it bewarje wollen fan it 'Friesche volks-eigene'. Yn dat ûnderstelde folkseigene is de pleats in kearnelement, ommers: 'Het Friesche volk is een boerenvolk, zijn cultuur is een boerencultuur (...).'¹⁵ In soad fan wat oait as spesifyk Frysk gou, stiet op it punt te ferdwinen, lêze wy wer: 'Daarom zijn [sic] het thans de taak van pen en teekenstift, om dit verdwijnende vast te leggen voor onze tijdgenooten en wellicht voor latere geslachten'. En sa't de sjoernalist him yn tsjinst stelle moat fan dy striid tsjin it ferdwinen, sa sil de Fryske skriuwer him, mient Van der Molen, ek ynsette moatte foar de belangen fan it 'folk'. Keunstner en folk losmeitsje wolle is 'gefaerlik dwaen', skriuwt er yn *It Heitelân* as reaksje op in earder stik yn itselde blêd fan 'e dichter Anne Jousma.¹⁶ Jousma easke foar de skriuwer folsleine frijheid, Van der Molen wol dat skriuwers werjouwe wat yn it folk libbet. Op 'e nij hellet er Obe Postma oan: 'En hwet by syn dreamen hy foar him sjucht, / Dat is hwet jimme belibben'.

Jousma syn tinken liedt ta de 'frijheid fen de Bohème', ta 'anarchy', ta 'it slop dêr't in ûntwoartele yndividualisme byg. de Hollânske literatuer yn fierd hat' en ta boeken 'dy't optille fen swartgalligens, libbensûntkenning, en libbenseangstme (...)' De keunstner moat de klam lizze op 'binende elementen' en 'syn plicht kenne for de mienskip oer en him der net boppe ef bûten pleatse wolle mar der midden-yn.' Dat is in offer, mar it sil liede ta 'forromming, suvering, lottering (...) yn dizze bitiisde tiid nou't alles delsein en útinoar leit (...)'

Op syn stik komt yn *It Heitelân* skerpe, spotske krytyk fan 'Stikelstekker' – noch altyd anonym bleaun. Van der Molen sil him oars net wer sá folks-

14. [Lector], 'Jan Ritskes Kloosterman: vriend van bomen en molens', *Leeuwarder Courant* (11 jannewaris 1949) 5; [Lector], 'De molenafbraak te Surhuizum in 1714. Een verslag van de "reboelje"', *Leeuwarder Courant* (20 jannewaris 1949) 5; [Lector], 'Twee Opsterlandse molenaarszerken. Anne Folkerts moest op het matje komen', *Leeuwarder Courant* (28 april 1949) 5. Genealogyske boarnen:

<https://gw.geneanet.org/jurjendeboer?lang=en&iz=2878&p=luitzen+dirks&n=van+der+molen> en <https://nl.rodovid.org/wk/Persoon:42957>. Krige: 14 jannewaris 2023.

15. 'Frieslands oude boerderijen. I. Inleiding', *Leeuwarder Nieuwsblad* (15 febrewaris 1936) 6.

16. 'De Fryske krytyk', *It Heitelân* (1936) 62.

ideologysk útlitte as yn it stik dêr't wy hjir wat langer by stilstien hawwe.¹⁷ Syn perspektyf op de ferhâlding keunstner en mienskip dat er nei foarren brocht, wie oars alhiel dat fan Van der Goot en konsorten, dy't sokke lûden al yn 'e tweintiger jierren hearre litten hiene, doe as reaksje op it *l'art pour l'art* dat Douwe Kalma lange tiid propagearre hie. Wat ús hjir ynteressearret is op 'e nij de motivearring: 'de tiid' slacht alles (lês: 'de Fryske kultuer') stikken, ienriedich ferset is nedich.

It lêste grutte projekt dat Van der Molen foar de oarloch by de ein krijt, begjint er yn 1936 ek mei: syn sêgesammeln. Yn *It Heitelân* docht er in oprop om him Fryske sêgen ta te stjoeren. Waling Dykstra, sa meldt er, hat gâns sêgen sammele, mar dy hat er 'yn it Hollânsk forteld', en dêrby komt dat lang net alles wat noch 'yn 'e folksmûle' libbet ek optekene is. Dat moat opskreaun wurde, 'hwet earder, hwet better', want oars is it te let.¹⁸

Besjogge wy no syn geastlike *Werdegang* yn 'e foaroarlochse jierren, dan kippe in pear dingen derút. Fansels: it tema fan it ferdwinen fan Frysk kultuereigen, of wat as sadanich sjoen wurdt, is net foarbehâlden oan it Ynterbellum. It is eigen oan de Fryske minderheidstalige kultuer, in trochgeande ûnderstream, sa't Jensma (1998; 2010) sjen litten hat. 'Friezen kunnen inderdaad midden in de nacht verschrikt wakker worden uit een nachtmerrie waarin ze droomden dat de boerderij verderop in het dorp een fabriek is geworden' (Jensma 2010, 208). It hie op Van der Molen slaan kind. Mar dy hie – nei alle gedachten – ek eigen nachtmerjes. Nachtmerjes dy't gearhongen mei de tiid: de tiid dêr't er yn opgroeide en dêrnei de earste krapoan tsien jier dat er him as sjoernalist en kultuerûndersiker oppenearre. En nachtmerjes dy't – wer: nei alle gedachten – gearhongen mei syn persoanlike skiednis. By him gongen dy twa soarten fan kweade dreamen yninoar oer, sa liket it. Bringe syn Postma-sitaten net allegear de bân mei de earderen en it eardere op it aljemint? Wy kinne ús ek dat yn it moed taastende fers 'Mem' út *De Tsjerne* fan 1956 (145) yn it sin bringe:

Gjin oantins bleau my fan har by,
 mem, dy't my al dy moannen droech
 en yn dat skriklik amerij
 my har to jonge libben joech.

17. Stikelstekker, 'Littéraire kritiek yn Fryslân', *It Heitelân* (1936) 131-132. Sjoch ek: Van der Kuip 1987.

18. 'Fryske sêgen en oerleveringen. In oprop', *It Heitelân* (1936) 244.

Ik stoarje op de stomme stien
 en op 't al hwat âldfrinsk petret.
 Mar beide binn' al heal forgien
 en sizze my it wêzen net.

Urf ik fan har - in libben wei -
 dan inkeld mar it hier, it each?
 O mem, dy't nea myn namme sei,
 O mem, dy't ik to ninter seach.

Ik kearde fan it stille lân,
 dêr't ik in frjemd bitocht,
 fornaem net hoe't in lytse hân
 ynienen mines socht.

In laits, dy't blier oer wankjes rint,
 towyl it mûltsje giet en giet.

Hoe sikestû yn stien en print
 dy't libbensliif hjir foar dy stiet?

Der binne ek oare biografyske feiten dy't helpe kinne by it sykjen fan in ferklearring foar de ekstreme konsintraasje op it ferdwinende Fryslân dy't by Van der Molen opmurken wurde kin. Sa't wy seagen wie syn styfheit in sintrale persoan yn de C.A.F. (oant en mei 1908 boekhâlder, fan 1909-1919 direkteur). Dat brocht mei dat er ferkearde yn ynfloedrike boererûnten en dat sil yn Van der Molen syn opfieding spoaren neilitten hawwe. Styfheit Durk Wielinga wie sa't it liket in kundich man; yn alle gefallen groeide de C.A.F. yn syn perioade as direkteur omraak. Yn 1914 hie de feriening 820 partikuliere leden, der wiene 14 ferieningen lid dêr't mear as 1400 boeren by oansletten wiene; noch mar twa jier letter, yn 1916, wiene mear as 1200 partikulieren lid, 19 ferieningen wiene oansletten dy't 2200 boeren fertsjintwurdigen. Yn 1908 wiene der trije depots, yn 1914 al 32 en it soene nei ferin fan tiid hast hûndert wurde. Nei in reorganisaasje yn 1918 en it ôfgean fan Wielinga in jier letter wie de groei der lykwols út. Nei de Earste Wrâldoarloch skeaten de weetprizen omleech en der kamen grutte ferliezen, dy't yn 'e jierren tweintich troch de leden kimpinsearre wurde moasten. De twadde krisis kaam nei 1933. Krekt yn 1936 waard wer winst makke.¹⁹

It wjerfarren fan de ynkeaporganisaasje wjerspegele de algemiene stân fan saken yn 'e Fryske lânbou. Men kin fan tinken wol hawwe dat de hús-hâlding fan Wielinga goed op 'e hichte bleau. En ek de gefolgen fan 'e eko-

19. Sifers út: Archief C.A.F., Tresoar. Inventaris. 1.1. Historisch overzicht.

nomyske tsjinwyn ûnderfûn. Wêrom't Wielinga syn winkel oan 'e Skrâns yn 1935 opjoech haw ik net fine kind, mar it leit yn 'e reden dat dat ek mei de ekonomyske krisis te krijen hân hat. Foar in romantikus as Van der Molen moat it delgeande Fryslân sawol in materiële en taastbere as in persoanlike en psychyske realiteit west hawwe.

3. *Van der Molen en de 'Friesenfrage'*

It boppesteande wol fansels gjin goedpraten wêze fan syn kollaboraasje yn de Twadde Wrâldoarloch, mar kin it faaks wol tsjinje ta in better begryp fan syn hâlding. Lykas oare polityk aktive pommeranten yn 'e Fryske beweging, sa as Jan Melles van der Goot, Douwe Kiestra, Rintsje Sybesma en Sybe Douwes de Jong, fielde er in sterke bining mei it Fryske boerelibben en miende er dat de boerestân yn Dútslân it better troffen hie.²⁰ It hâlden en dragen fan ûnderskate leden fan de Fryske beweging yn 'e oarlochstiid is yn kaart brocht, wiidweidich mar yn sterk feroardieljende sin, troch Gjalt Zondergeld yn syn proefskrift fan 1978. Foar in djipper dollende stúdzje nei motiven en persoanlike ferhâldingen is it hjir net it plak; ik folstean mei inkelde essentialia en ik doch dat earder yn it griis fan Van der Heijden (2001) as yn it swart-wyt fan Zondergeld.

Yn 1940 hearde Van der Molen ta in groep Fryske bestjoerders, skriuwers, dichters en publisisten dy't de Dútske besetting seagen as in kâns foar Fryslân om him te ûntwrakseljen oan de Nederlânske ienheidssteat. De N.S.B. wie er op tsjin om't dy partij gjin romte hie foar in eigen plak fan Fryslân yn Nederlân; lykas Sybesma hat er in skoft foarstanner west fan in foarm fan oansluting fan Fryslân by in foarm fan Grut-Dútslân. Oant yn 1944 publisearre er boeken en artikels oer Fryske folkskunde by Dútsk-freonlike útjouwers en yn nasjonaal-sosjalistyske blêden as *It Fryske Folk*, *Hamer*, *Het Noorderland*, *Volksche Wacht* en *Sibbe*. Yn Dútslân seach er 'versterking (..) op het gebied van volkskultuur, heemkunde, streekeigen bouwen, volkskundestudie'²¹ en nei maaie 1940 griep er de mooglikheden oan

20. Foar in skôging oer Kiestra as dichter en politikus, sjoch De Vries 2005; foar Sybe Douwes de Jong syn achtergrûnen De Vries 2015a; 2015b.

21. Vergeeld Dossier, 12. Dit dossier bestiet út in tal stikken dy't Van der Molen skreaun hat yn ferbân mei it Tribunaal-proses tsjin him yn 1948 en in tal brieven en ferklearingen fan oaren oer syn hâlden en dragen yn de oarlochsjierrren. It is gearstald yn desimber 1978 as ferdigenjende reaksje op Zondergeld (1978). Ien fan de tsien eksimplaren waard op 9 jannewaris 1979 oanbean oan Freark Dam as 'kado' foar it FLMD.

welke als gevolg van de nieuwe situatie werden geschapen en die een versterking van de studie der volkskultuur, van het zich bezinnen op de waarden van het eigene, van een bestrijding van grootstedelijke tendenties schenen te betekenen.²²

Sa bedarre er op it paad fan 'e kollaboraasje. Yn septimber 1940 akseptearre er it lidmaatskip fan 'e Nederlânske Kultuurkring, in organisaasje ûnder lieding fan prof. dr. G. A. S. Snijder dy't – yn dy syn wurden – ta doel hie om ûnder Dútsk tafersjoch te wurkjen oan 'de zorg voor een zelfstandig Nederlandsch cultuurleven'.²³ Van der Molen hat syn lidmaatskip yn 'e *Leeuwarder Courant* motivearre. Doe't er oansocht waard,

hab ik foart tasein, ek yn 'e hope eat for Fryslân birikke to kinnen. Fryslân heart op it lêst ek yette by Nederlân en as pref. Snijder it den hat oer de 'moedertaal' dy't op skoallen folle mear syn gerak krije moat, den forwachtsje ik net oars, of de K. K. scil syn omtinken ek jaen oan de Fryske memmetael op de Fryske skoalle. Ho hird det rinne scil, scil lykwols ek mei ôfhingje fen de meiwirking fen de Friezen dy't op wittenskiplik ef kultureel gebiet wirksom binne. (..) Binne de feiten noch net klearernôch, moatte der noch mear bommen op Ingelân falle ef moatte der noch mear pakten sletten wirde twisken de greatmachten fen Jerope en Aziën?²⁴

It lettere kommentaar fan Van der Schaaf (1977, 328) wie dat it Van der Molen faaks 'sels ûntgien [wie] hoe nayf-ûnbiskamsum hy de side keas fan hwat op dat stuit de sterkste like.' Dêr liket noch wol wat mear oer sein wurde te kinnen. In hieleboel Nederlanners mienden yn 'e simmer fan 1940 dat de grutte Dútske militêre oerwinningen definityf wienen en dat wat de Europeeske polityk oanbelange dúdlik in nije perioade oanbrutsen wie (Dekker 2002, 168). De Dútske besetting wie in realiteit dy't op mear plakken oanlieding joech om besteande nasjonale ambysjes op 'e nij te besjen. Sa waard it it doel fan bygelyks prof. dr. Jan de Vries, doe de ferneamdste Nederlânske folkskundige, om Nederlân en Flaanderen op wittenskiplik mêd te ferienigjen. Dat woe de N.S.B. ek, neffens wa't in Grut-Nederlânske

Op 13 desimber hat Van der Molen telefoanysk oan J. J. Kalma frege oft dy him ferdingje woe by de promoasje fan Zondergeld, wat Kalma wegere hat.

22. Vergeeld Dossier, 13.

23. [An.], 'Doel van den Kultuur-Kring', *Algemeen Handelsblad* (29 septimber 1940) 5.

24. S. J. van der Molen, 'Ingezonden stukken. Hwêr bliuwt Fryslân?', *Leeuwarder Courant* (30 septimber 1940) 7. It stik waard sinjalearre yn: [An.], 'Een maanwoord tot de Friesche leiders', *Het Nationale Dagblad* (8 oktober 1940) 3.

steat ûnderdiel wurde moast fan in Dútsk steatebûn. Dêrfoaroer stie de ideology fan de Nederlandsche, letter Germaanske S.S. dy't hawwe woe dat Dútslân Nederlân anneksearje soe. Yn dat ramt moast it Nederlânsk-nasjonale stribjen fan de N.S.B. tsjinwurke wurde troch propaganda foar it âlde idee dat it Nederlânske folk út trije 'stammen' bestie, de Fryske, Saksyske en Frankyske. De wichtichste ynstruminten dêrta wiene de op 11 septimber 1940 oprjochte 'Nederlandsche S.S.', offisjeel in ûnderôfdieling fan de N.S.B., ûnder lieding fan Henk Feldmeijer, en de twa wike letter oprjochte en dêrmei ferbûne Volksche Werkgemeenschap. Foar de kollaborrearjende Fryske bewegers wie in sterke Nederlânske ienheidssteat anatema; de Frysk-nasjonale én Grut-Fryske ambysjes hope Van der Molen tichterby bringe te kinnen troch oan te knoepjen by de trije-stamme-ideology fan de Nederlandsche S.S.

Rintsje Sybesma hie alfêst yn 'e simmer fan 1940, doe't efter de skermen de earste petearen oer in Frysk Trijemanskip holden waarden, as springplankje in eigen politike organisaasje opset, it Frysk-Nasjonael Forbân op Folkske Grounslach (FNFFG), dêr't neffens Zondergeld (1978, 334) Van der Molen de oanstjit ta jûn hawwe soe.²⁵ De namme fan it bledsje dat Sybesma útjoech, 'De Upstalbeam', wjerspegele de Grut-Fryske dream.²⁶ Op de jiergearkomste fan it Frysk Selskip op 24 july 1940 yn it Oranjehotel yn Ljouwert joegen bestjoer en leden in klap op it plan foar in Trijemanskip. Offurdige fan it Selskip waard de frijsinnige dûmny Jacob Jetzes Kalma, it Kristlik Frysk Selskip wiisde Eeltsje Boates Folkertsma oan, en Rintsje Piter Sybesma waard de 'folkske' fertsjintwurdiger. Dat Trijemanskip moast de Fryske beweging mei ien stim prate litte foar de Dútske besetter oer. Kalma

25. Op itselde plak meldt Zondergeld dat Van der Molen op dat stuit krekt lid-ôf wurden wie fan de Fryske Folkspartij fan Van der Goot en Kiestra, dêr't er lykwols noait lid fan west hat. Trije jier letter hat Zondergeld (1981b) de flater rjochtset. By syn bewearing dat Van der Molen Sybesma frege hawwe soe in nije politike partij op te rjochtsjen ûntbrekt in boarnefermelding. Fan it troch harren ûnderskreaune pamflet dat Van der Molen en Sybesma yn augustus en septimber 1940 ferspraat hawwe soene, jout Zondergeld yn in noat wol de titel ('Hwet is "folksk?") mar gjin fynplak. Neffens in fotokopy út it argyf fan dr. Oebele Vries giet it dêryn oer it 'frije oer-Germaanske folk fen 'e Friezen, mei syn greate ynslach fen it blonde koele Noardske ras' en bestiet út in oprop om net mei de N.S.B. of de Nederlandsche Unie yn see te gean mar om oan te stjoeren op in eigen plak foar Fryslân en it Fryske folk yn de nije tiid. Van der Schaaf (1977, 325) seit oer it FNFFG: '[Sybesma] hie syn eigen Frysk partijke, it 'Frysk-Nasjonael Forboun op folkske grounslach'. Oft dat wierlik bistien hat is net sa wis; mar sokssahwat kaem yn dy tiid net sa krekt.'

26. *Upstalbeam: birjuchten oer it Fryske libben en de Fryske folksstriid* (Hearrenfean, R. P. Sybesma). Oanwêzich yn Tresoar jrg. 1 nû. 1 (1940) – jrg 2 nû. 4 (1941).

en Folkertsma tochten oars net folle minder ‘folksk’ as Sybesma;²⁷ it ferskil wie benammen dat sy gjin nasjonaal-sosjalisten wiene en yn ‘e praktyk in ôfwachtsjende hâlding oannamen yn wat neamd waard ‘de nije sitewaasje’, wylst Sybesma fier rûn mei it nasjonaal-sosjalisme (ynklusyf rassisme en joadehaat).

Van der Molen hie dêrmei ferlike in eigen posysje. Ut syn stikken sprekt gjin nasjonaal-sosjalistyske ideology en joadehaat komt men net tsjin, mar hy pleatste syn folkskundige ûndersiken wol yn nasjonaal-sosjalistyske blêden fan organisaasjes dêr’t er ek organisatoarysk wakker warber foar wie. Al trije wike foar’t de Volksche Werkgemeenschap oprjochte waard – troch Feldmeijer bedoeld as stúdzjeklup om in Dútskfreonlike fariant fan de stammeteory te befoarderjen²⁸ – hie Van der Molen al de Fryske Wurkmienskip ‘De Friezen’ yn it libben roppen, mei haadkertier yn Ljouwert, ‘ter versterking en ontwikkeling van het Friesche volksbesef’. Boppedat moast de Fryske Wurkmienskip ‘de bûtenwacht foarljochtsje oer de folkske forskining fen Fryslân (...)’.²⁹ Meidoggers, op papier, wiene ûnder mear skriuwer

-
27. Sjoch bygelyks de taspraak fan dûmny Kalma op de jiergearkomste: ‘En as dan fen de kant fen it Dútske regear sein wirdt, det hja rekken hâlde wolle mei it eigene fen ús folk, den moatte wy witte dat it ús taek is, det eigene foart te sterkjen en ta nije bloei to bringen. As wy nasjonaal-soasjalistysk tinke as net, wy kinne it hjir allegearre oer iens wêze, det Blut und Boden, de groun en de minsken byinoar hearre en wy de groun, ús âld skier lân, en de minsken, ús Fryske folk, ljeavje moatte en tsjinje.’ Kalma advisearre it Selskip net om yn ferset te kommen, mar wol om syn ‘uterste krêften’ te jaan oan it ûnderwiis yn de Fryske taal, de stúdzje fan de Fryske skiednis, skriftekennisse en folks- en geakunde, Fryske sang, toaniel, film en ‘berne-forteldagen’. Kalma besleat mei it sizzen dat it de taak fan de Friezen wie om Fryslân grut te meitsjen en sterk. [An.], ‘Selskip for Fryske Tael- en Skriftekennisse. Algemiene gearkomste’, *Leeuwarder Courant* (25 july 1940) 5.
28. [An.], ‘De Volksche Werkgemeenschap opgericht’, *Nieuwsblad van Friesland* (27 septimber 1940) 5. Neist de al besteande ‘Friesche Werkgemeenschap’ soene ek in ‘Saksische Werkgemeenschap’ en in ‘Frankische Werkgemeenschap’ ûntstean moatte en har dwaande hâlde mei ‘a. volkskunde, b. geschiedenis van stam en landschap, c. heemkunde, d. volks- (boeren) kunst’.
29. [An.], ‘Een volksche werkgemeenschap “De Friezen”’, *Het Nationale Dagblad* (5 septimber 1940) 3; [An.], ‘In folkske wurkmienskip “De Friezen”’, *Nieuwsblad van Friesland* (9 septimber 1940) 6. De Saksische Werkgemeenschap, mei as wurkgebiet Grinslân, Drinte, Sallân en de Achterhoek, waard in moanne letter oprjochte, op 5 oktober 1940 yn Swol. Joh. Theunisz, ‘Uit de versplintering naar de eenheid’, *Het Nationale Dagblad* (12 oktober 1940) 7. In Frankische Werkgemeenschap ‘De Spade’ foar Limboarch en Noard-Brabân ûntstie krekt op 13 desimber 1942 yn Maastricht, as ferfanging fan in eardere Limburgsche Werkgemeenschap. [An.], ‘Frankische Werkgemeenschap “De Spade”’, *Noordbrabantsche Courant* (15 desimber 1942) 2.

Reinder Brolsma, fotograaf Charles Gombault, útjouwer Doederus Johannes Kamminga, amateur-archeolooch Johannes Minnes Minnema, sosjograaf Klaes Sierksma, skilder Bauke van der Sloot en amateur-histoarikus Teunis Eintes Teunissen. Van der Molen hie de ‘voorloopige leiding’; yn novimber hie Sybesma de lieding. Dêrnei is neat mear fan dy Wurkmienskip fernaam. By myn witten is der neat ûnder syn flagge publisearre. Van der Molen sil al gau yn ’e rekken hân hawwe dat er de bûtenwacht better oer Fryslân foarljochtsje koe yn de blêden *Volksche Wacht* en *Hamer* fan de Volksche Werkgemeenschap.

Yn 1942 krige Van der Molen funksjes yn Saxo-Frisia (in kultuerstichting dy’t ein dat jier ûnder de Germaanske S.S. resortearre, dêr’t er begeunstigjend lid fan waard) en yn de Fryske Rie, de Fryske dependance fan Saxo-Frisia.³⁰ Beide kearen as siktaris. Ein 1942 ûntstie lykwols in konflikt tusken de Fryske Rie en de Dútsers fanwege harren stipulaasje dat Fryske sporten as hurdriden en keatsen tenei as ‘profesjonele’ sporten oanwiisd wurde soene, om’t der jildprizen mei te fertsjinjen wiene.³¹ It beslút soe op kosten gean fan de finânsjele posysje fan ferieningen. Yn november brocht it orgaan fan de Fryske Rie, *It Fryske Folk*, in temanûmer oer Fryske sporten út dêr’t Van der Molen krityk yn utere op de Dútse maatregel (Van der Molen 1942b). Hy suggerearre iepentlik dat fan de Dútske ‘völkische’ belangstelling op sa’n wize net folle bliken die. Mei it nûmer waard advertearre yn de lykskeakele *Friesche Courant* ûnder de provosearjende kop: ‘De Fryske sporten bidrige!’³² Dy episoade siket men fergees yn Zondergeld (1978), mar hy wurdt troch Van der Molen beskreaun as it begjin fan ’e oanrin nei syn ûntslach by Saxo-Frisia yn april-maaie 1943.³³ Yn it foarjier

30. Oprjochte op 18 jannewaris 1941 yn restaurant De Faun yn Grins troch prof. dr. J. M. N. Kapteyn, germanist oan de Ryksuniversiteit Grins, as opfolger fan de beide noardlike Wurkmienskippen. Yn 1939 wie Kapteyn al úteinset mei in blêd ûnder deselde namme foar de bestudearring fan it ‘eigene’ fan Friezen en Saksers. Fan novimber 1941 ôf kaam de stifting te fallen ûnder de Nederlandsche S.S. fan Feldmeijer. Op 24 mei 1941 waard yn hotel De Kroon yn Ljouwert de efkes earder oprjochte Fryske Rie in ûnderôfdieling fan Saxo-Frisia. Inisjatyfnimmer fan de Rie wie G. J. Ruiters, boer en foarsitter fan de Friesche Maatschappij van Landbouw; lieder waard Douwe Kiestra. [An.], ‘Ynstallaasje gearkomste “Fryske Rie”’, *Nieuwsblad van Friesland* (26 maaie 1941) 5. It inisjatyf ta de Rie waard troch Ruiters pleatst yn it ljocht fan it ‘mislearjen’ fan it Trije-, letter it Twamanskip.

31. Vergeeld Dossier, 18.

32. Adv. *Friesche Courant* (7 novimber 1942) 3.

33. Vergeeld Dossier, 18. Faaks lit him Van der Molens rapportaasje oan de Dútske autoriteiten oer it *Frysk Studinte Almenak* fan 1943, letter publisearre as ‘Ofskrift rapport fan S. J. van der Molen’ yn *Frysk Studinte Almenak* ’43/’46 (Brandenburgh & Co.,

fan 1943 sprutsen S.S.'ers F. W. Mai, doe de heechste baas fan Saxo-Frisia, en W. Brandt, in adjudant fan Himmler, nei oanlieding fan 'e wjerstribbigens fan de Fryske Rie fan in 'Friesenfrage' (In 't Veld 1976, 988, 1117). Yn augustus 1943 waard Van der Molen ek ûntslein by de Germaanske Werkgemeenschap, dêr't er nei syn fuortgean by Saxo-Frisia wurk fûn hie. Hy hie wegere op stúdzjereis nei Noarwegen te gean. 'Ik was onbruikbaar gebleken (...)'³⁴

Nei beëiniging fan dy tsjinstferbannen binne der lykwols noch wol stikken fan syn hân publisearre yn *De Schouw* fan 'e Kultuerkeamer, *Hamer* fan de Volksche Werkgemeenschap en *Sibbe*.³⁵ Ein 1943 wie op 'e nij in stik fan syn hân reden foar likens by syn Dútske en Dútsksinnige mearderen. In artikel yn it Krystnûmer fan *It Fryske Folk* oer Klaas J. van den Akker, de doe krekt ferstoarne, bekende boer en pionier fan it lânbou-ûnderwiis út Berltsum, late ta spul mei Kapteyn om't Van den Akker gjin nasjonaal-sosjalist west hie. Dêrnei waard it blêd fan de Fryske Rie ferbean. Kapteyn en no ek dy syn sjef Feldmeijer seagen Van der Molen mear en mear as it brein efter Kiestra en as de belangrykste fertsjintwurdiger fan wat se it Fryske 'separatisme' neamden (Zondergeld 1981b, 152).

Op 13 july 1945 waard Van der Molen arrestearre; hy hat in pear moanne fêstsitten. Yn syn ferdigening foar it Tribunaal hat er oanfierd dat er gjin artikels skreaun hie wêryn't it nasjonaal-sosjalisme propagearre waard, en dat er al brutsen hie mei de Dútske autoriteiten yn it foarjier fan 1943.³⁶ It earste liket nei de letter besjoen út te kommen, mar it twadde net. Hy is twa kear ûntslein, en is dus net op eigen manneboet út pro-Dútske tsjinst stapt.

Snits 1946; sjoch ek Zondergeld 1978, 430, 554) ferklearje yn dit ljocht: as in mispleatst besykjen om ferlerne sympaty by de Dútsers werom te winnen. Van der Molen rapportearre taalgebrûk dat tsjutte koe op wjerstân tsjin de besetting. De almenak waard dêrnei ferbean, hoewol't Van der Molen advisearre hie om publikaasje nei in pear oanpassingen ta te stean. De rapportaazje fûn plak yn in brief fan 1 desimber, in moanne nei de ferskinning fan it sportnûmer fan *It Fryske Folk*. Yn syn Vergeeld Dossier oer dit rapport lykwols gjin wurd.

34. Vergeeld Dossier, 20.

35. 'De lijkdeur; sprookje en waarheid', *Hamer* 3-12 (1943) 10-14; 'Van draaikruisen en roosters in den kerkhofmuur', *Hamer* 4-4 (1944) 21-23; 'Van berg-huis tot Westfriesche stolp', *Hamer* 4-9 (1944); 'Streekroman en volksche werkelijkheid', *De Schouw* 3-2 (febrewaris 1944) 67-70; 'Vreemde volksplantingen in Friesland', *Sibbe* 4-8 (augustus 1944) 311-321; 'Praatje bij een kwartierstaat', *Sibbe* 4-8 (augustus 1944) 361-368.

36. Foar in behanneling fan konflikten fan Van der Molen mei Saxo-Frisia, sjoch Zondergeld (1978) 423-436, en as reaksje dêrop Van der Molen syn Vergeeld Dossier 1940-1950.

Mei mear rjocht hat er wiisd op de meigeande hâlding foar de besetter oer fan in stikmannich persoanen en ynstututen yn de Fryske beweging yn 'e earste oarlochsjierrren; persoanen lykas Eeltsje Boates Folkertsma en Jacob Jetzes Kalma dy't yn it Trijemanskip sitten hiene (tsjin wa't gjin suveringsmaatregels ynsteld waarden), en ynstellingen lykas de Afûk, dy't finânsjele stipe fan de Dútsers akseptearre, en de Fryske Akademy, dy't in Dútse nasjonaal-sosjalist as Willy Krogmann as lid oannaam.³⁷ De algemiene teneur fan syn ferdigening wie alsa dat er earder slachtoffer as dieder west hat. Hy mei dat sels sa ûnderfûn hawwe, it Tribunaal stimde dêr net yn mei. Op 22 maaie 1948 waard er feroardiele ta 500,- gûne boete, finzenskip neffens foararrest en tsien jier ûntsetting út kiestjochten.³⁸ Al earder hie er in publikaasjeferbod oplein krige, earst foar tolve jier, yn berop werom brocht ta maaie 1950.³⁹ Yn 1949 krige er noch in boete fan 200,- gûne fanwegen syn skeinen fan it publikaasjeferbod.⁴⁰

De suveringsautoriteiten hawwe him syn kollaboraasje lykwols minder swier oanrekkene as dy fan de oare liedende Fryske figueren yn 'e oarlochstiid, lykas Sybe Douwes de Jong, Douwe Kalma, Douwe Kiestra en Rintsje Sybesma. Dêrta sil meiwurke hawwe de stipe dy't er krige fan erkende wittenskippers as P. J. Meertens, P. C. J. A. Boeles en Jelle Brouwer, sa't dy bliken docht út brieven dy't opnaam binne yn it Vergeeld Dossier 1940-1950. De earste skreau oan de Folkskundekommisje fan de K.N.A.W. oer Van der Molen syn 'grote wetenschappelijke verdiensten' en pleite tsjin in publikaasjeferbod,⁴¹ de twadde yn in brief oan Van der Molen dat er yn syn wurk 'nimmer een spoor van Deutsche Germanen-vereering, noch van verwante nationaal-socialistische tendenzen' bespeurd hie,⁴² en de tredde

37. 'In het algemeen werd in de Friese Beweging alles begroet wat onder de nieuwe bedeling kon dienen tot bevordering van Friese culturele belangen.' Vergeeld Dossier, 7.

38. 'Tribunaal Leeuwarden', *Leeuwarder Courant* (22 mei 1948) 2. Him waard ferwiten 'begunstigend lid te zijn geweest van de Germaansche S.S. en de N.V.D. Bezocht meermalen vergaderingen van de Nat. Soc. Ned. Arb. Partij; bevorderde nat. soc. Propaganda door mee te werken aan / te werken voor de Germaansche Werkgemeenschap, als redacteur op te treden voor *It Fryske Folk* en *Noorderland*; als secretaris te fungeren van de nat. soc. Kultuurraad en mede te werken aan het orgaan van deze instelling.'

39. 'Zuivering medewerkers van de Arbeiderspers'; 'Tendentieuse berichtgeving', *Nieuwsblad van Friesland* (19 december 1947) 1.

40. [An.], 'Geschorste journalist schreef toch', *De Heerenveensche Koerier* (23 augustus 1949) 2.

41. Brief P. J. Meertens, dd. 4 desimber 1945, yn: Vergeeld Dossier, 33.

42. Brief P. Boeles, dd. 15 april 1947, yn: Vergeeld Dossier, 35.

wiisde yn in brief oan Van der Molen syn abbekaats mr. Van Krevelen op syn drege begjin as bern by pleechâlden:

Zou dat niet mee de oorzaak zijn, dat hij niet gekomen is op de plaats, die hem in verband met zijn capaciteiten toekwam? (..) Zou dezelfde oorzaak niet mee de Heer van der Molen, idealistisch gezind en sterk romantisch aangelegd (hij maakte deel uit van de jeugdbeweging) gedreven hebben tot de Friese Beweging (..)?⁴³

Mear ûndersyk nei Van der Molen syn hâlden en dragen en publikaasjes yn 'e oarlochstiid is, tinkt my, wol nedich. Nei alle gedachten hat er earder in 'folkstinker' en radikale Fryske nasjonalist west as de folbloed faksist en propagandist fan 'Anschluss' by Dútslân nei S.S.-model dy't Zondergeld (1978; 1981a) fan him makke hat. Wat Oebele Vries (1971, 157) skreau oer de Fryske Rie en Kiestra yn it bysûnder giet grif ek op foar Van der Molen:

Gaandeweg bleek het toch niet te boteren tussen Saxo-Frisia en 'Fryske Rie'. Steeds duidelijker werd de Duitse bedoeling om d.m.v. de eerste organisatie de Friese beweging (of althans het nazi-gedeelte daarvan) in te schakelen voor louter Duitse belangen. De meeste leden van de 'Fryse Ried', vooral ook Kiestra, bleken steeds duidelijker meer Friese nationalist dan nazi's te zijn.

Yn 1942 en 1943 waard er, mei Kiestra, troch syn Frysksinne opstelling de sintrale figuer yn wat de Dútsers de 'Friesenfrage' neamden. Hy hat de kânsen dy't de besetting him brocht om it 'Fryske folkseigen' te bestudearjen en bekendheid te jaan mei beide hannen oangrypt; dat er mei syn Fryske ideaal foar it nasjonaal-sosjalistyske terreurkarke spand waard, en himsels foar dat karke spande, hat er net sjen wollen of foar leaf naam. It feit dat er al gau spul krige mei de autoriteiten seit ek dat 'Fryslân' him mear dreun hat as it nasjonaal-sosjalisme.

Op grûn fan syn grutte kulturele kennis en kommunikative feardichheden hat Sytse Jan van der Molen al hiel gau nei de oarloch wer in sintrale posysje feroverje kinnen yn it Fryske kulturele fjild. Al in healjier nei syn feroardieling waard er troch de haadredakteur fan de *Leeuwarder Courant*, Jan Piebenga, syn eks-kollega by *It Heitelân*, ûnderhâns ynhelle as freelance meiwurker. Ynearsten skreau er ûnder de skûlnamme 'Lector'; stikken fer-

43. Brief J. H. Brouwer, dd. 3 maaie 1948, yn: Vergeeld Dossier, 45. Mei 'jeugdbeweging' doelt Brouwer op de geheelûnthâldersjeugdbeweging dêr't Van der Molen tusken syn fyftjinde en tweintichste lid fan west hat; neffens eigen sizzen 'schwärmde' er doe in skoft 'voor Sovjet-Rusland' (Vergeeld Dossier, 11).

skynden yn de perioade fan syn publikaasjeferbod yn de blêden *It Beaken*, *De Vrije Fries*, *De Wandelaar*, *It Heitelân*, *Frysk en Frij*, *Maandblad Groningen*, *Volkskunde* en het *Jaarboek van de Maatschappij der Nederlandse Letterkunde*.⁴⁴ Dêrneist hat er in pear jier lang mei kabaratier Tetman de Vries op 'en paad west as pianist en ferskeskriuwer. Ut dat alles komt net nei foarren dat persoanlike relaasjes nei de oarloch slim fertribele wiene; der sprekt foar wat syn skriuwerij oanbelanget wól in grutte wurdearring út, sawol yn as bûten Fryslân, foar syn bydragen oan de popularisearjende folks- en geakunde.

(Dat wol net sizze dat er syn feroardieling en parseferbod sûnder wjerstân akseptearre hat. Wie provosearjen op dat punt him in skoft lang net frjemd? Doe't fertsjintwurdigers fan it ferset him nei de oarloch yn Huzum ophellen en mei him de doar útstappe soene, moat er sein hawwe: 'Ho efkes! Myn bibel!' En insiders witte dat yn Van der Molen syn wurkkeamer by de *Heerenveensche Koerier* op in stuit in grutte kaart fan Europa hong mei dêr op oanjûn, mei in rige spjelden, hoe fier oft it Dútske leger yn Ruslân foardere west hie...)⁴⁵

4. 'Een boerderij toch is vóór alles een boerenhuis'

Ik wol no Van der Molen syn bydrage oan de folkskunde op in pear punten neier besjen, yn it foarste plak oangeande it histoaryske pleatsebou-ûndersyk. Op dat mêd koe er yn 'e jierren tritich wat Fryslân oanbelanget oan- knoopje by baanbrekkend wurk fan Klaas Uilkema (1916; 1933) en Obe Postma (1937a; 1937b). Uilkema hie oantoand - wat foar him dr. Tj. de Boer oars ek al suggerearre hie - dat de stjelpbuorkerij net de earste pleatsfoarm wie, sa't prof. dr. Gallée útholden hie, mar dat de stjelp just in lette, krekt yn de njoggentjinde ieu algemien wurden foarm wie. Boppedat wie er de earste dy't in noch earder type systematysk beskreau, de saneamde âld-Fryske greidpleats mei foarhûs, milhûs en lange, lege stâl. Van der Molen (1948) joech Uilkema syn libbensbeskriuwing. Postma, op syn bar, wiisde op de lette opkomst, nei 1590, fan grutte skuorren yn it Fryske klaaigebiet. Hy suggerearre in fersprieding út it noardeasten fan 'e provinsje wei. Foar in oersjoch fan Postma syn aktiviteiten as lânbou-ûndersiker, sjoch Breuker (2010).

44. Dêr moat neffens it yn noat 40 neamde berjocht noch by rekkene wurde it *Friesch Landbouwblad*, mar publikaasjes yn dat blêd binne net yn de Tresoar-katalogus opnaam.

45. Foar boarnen, sjoch noat 2.

Neffens Knibbe (2008) giet suver alles wat Van der Molen oer pleatsebou-ûndersyk skreaun hat op Postma werom. Dat is fansels mar krekt wat men dan meitelt. Yn syn earste eigen stúdzjes ‘Oanteikeningen oer it Fryske boerehûs’, publisearre yn *It Heitelân* fan 1937, komt er yndie net fierder as lytse oanfollingen op sawol Uilkema as Postma.⁴⁶ Sa ûntdekt er de earste fermelding fan in pleatsskuorre, nuver genôch net yn Kollumerlân dêr’t Postma fan oantoand hie dat skuorren om 1550 hinne dêr al gongber wiene, mar yn ’e Súdwesthoeke (in fermelding yn ’e argiven út 1539). Letter fynt er noch ien yn ’e Greidhoeke; in fermelding út 1481 (Van der Molen 1943a, 55). As Uilkema ferklearret dat de saneamde ‘húskiste’ – in fentilaasje-/ljochtsysteem yn bûthuzen – al útstoarn is, fynt Van der Molen him ûnder in oare namme – ‘riikkiste’ - noch net fier fan It Fean yn ’e naal fan in pear âlde skuorren. Uilkema datearret it opkommen fan de stjelp om 1725 hinne, mar Van der Molen kin fierder tebek oan ’e hân fan kaarten út de Schotanus-atlas fan 1698. Uilkema skriuwt dat de saneamde ‘hege stâlen’ krekt om 1850 hinne yn ’e moade komme, Van der Molen toant oan dat se der om 1800 hinne al wiene.

Syn belangrykste Fryske ûntdekking wie lykwols in noch besteande, min ofte mear geve âld-Fryske greidpleats út 1725 yn Warten, trije jier nei’t yn 1934 it doe lêst bekende eksimplaar fan dat type yn it Wartenser Leechlân ôfbaarnd wie. It pleatske yn Warten bestiet tanksij Van der Molen noch altyd en is wilens yn orizjinele steat werombrocht. Dêrneist moat wiisd wurde op syn stúdzjes oer it boerehûs yn Drinte en de Stellingwerven, hústypen dy’t by Uilkema en Postma net behannele wurde (Van der Molen 1941b; 1942a). Sels seach er as ien fan syn belangrykste bydragen syn skriuwerij oer de hústypen dy’t de archeolooch Van Giffen yn ’e jierren tritich ûntduts by opgravingen yn Ezinge yn Grinslân. Tsjin de doe yn guon rûnten hearskjende opfetting dat it hjir om it saneamde ‘Saksyske’ type gie (dêr’t it fee op ’e stâl mei de koppen nei binnen ta stie), woe hy ha dat it dêr ek gong om wat doe noch algemien it ‘Fryske’ type neamd waard (mei fee dat op ’e stâl stie mei de koppen nei de bûtenmuorren ta) (Van der Molen 1940; 1969; 1982).

Al vroeg werd haastig van Duitse zijde (..) geconcludeerd, dat ‘Ezinge’ het prototype was van het ‘Niedersachsenhaus’. In 1944 rekende echter

46. ‘Oanteikeningen oer it Fryske boerehûs’, *It Heitelân* (1937) 105-106; 144-146; 165-167; 186-188; 209-214; 235-238; 256-260; 291-297. [Mei foto’s fan de skriuwer.] Van der Molen syn eardere stikken yn de Hepkema-kranten yn 1936 (‘Frieslands oude boerderijen’) binne ynventarisearjend fan karakter en jouwe wer wat Uilkema en Postma nei foarren brocht hiene sûnder eigen ynfalshoeken te presintearjen.

Slicher van Bath in zijn dissertatie al af met wat hij noemde de ‘Saksen-legende’. Van der Molen had in 1940 reeds de onhoudbaarheid van de ‘Saksische’ interpretatie laten uitkomen (Van der Molen 1982, 100).

No praat men net mear fan ‘Saksyske’ of ‘Fryske’ boerehuzen, sa skriuwt er yn 1982 yn *De Vrije Fries*, mar doe hie de wittenskip noch gjin beswier tsjin it lizzen fan ferbannen tusken besteande pleatsfoarmen en ‘stammen’ út ‘e iere skiednis.⁴⁷ Letter is it Ezinge-type by de hiele Noardseekust lâns wol fûn, ek yn gebieten dêr’t noait Friezen wenne hawwe. De âld-Fryske greidboerderij moat men sjen as in foarbyld fan in ‘prehistorisch principe’ (s. 97), dat it yn Fryslân dus noch oant yn ‘e tweintichste ieu mei op syn minst ien geef eksimplaar útholden hat. Op grûn fan resinte publikaasjes fan de archeologen Waterbolk en Harsema, sa beslút er, is it oannimlik ‘dat het prototype van Ezinge reeds in de vroege bronstijd (1200 v. Chr.) op de zandgrond van het latere Drenthe aanwezig was, van waaruit het blijkbaar omstreeks 500 v. Chr. naar de latere Friese kwelders “geëxporteerd” werd.’ De Dútse archeolooch dr. Hermann Hinz, letter heechlearaar yn Kiel, hie al earder konkludearre, yn oersetting: ‘De middeleeuwse boerenhuizen van deze aard zou men samenvattend als oud-Friese huizen kunnen betitelen, waarbij meer aan een geografische dan aan een ethnologische term gedacht is’ (Hinz 1964, sit. by Van der Molen 1969).

Mei oare wurden: Van der Molen syn konklúzje út 1940 koe, útsein de ferâldere terminology, yn 1969 en yn 1982 oerein bliuwe: it Fryske en it Saksyske boerehûs binne gjin famylje fan inoar en it Ezinge-type is in foar-rinner fan it saneamde âld-Fryske. It hat neffens Van Olst (1991, 172-173) oant it wurk fan R. C. Hekker ein jierren fyftich duorre foar’t in better oersjoch fan lanlike ûntjouwingen op it mêd fan de iere pleatsebou ferskine koe as de tekst dy’t Van der Molen al jûn hie yn 1941 yn *Volksche Wacht*:

Pas in 1941 verscheen de eerste publikatie waarin weer een serieuze poging werd gedaan om tot een nieuw landelijk overzicht te komen op basis van de resultaten van het tot dan verrichte onderzoek. In dit artikel door Van der Molen werden de theorieën van Gallée door invoeging van de resultaten van later verricht onderzoek (waaronder dat van Uilkema) op verscheidene punten verbeterd. Tot een doorbraak heeft dit overzicht echter niet geleid, waaraan behalve het ontbreken van een breder historisch kader vermoedelijk ook de omstandigheden waaronder dit werk

47. Typearjend is de ûndertitel fan it folkskundich tydskrift dat yn 1940 foar it earst ferskynde en dêr’t ek P. J. Meertens en oare ‘ûnfertochte’ folkskundigen oan meiwurken: *Ons Eigen Volk. Maandblad voor de volkskunde van den Nederlandschen stam.*

verscheen debet moeten zijn geweest. Het zou nog tot 1957 duren voor in Nederland een werkelijk vernieuwend en van een brede wetenschappelijke visie getuigend overzichtswerk over de traditionele boerderijbouw zou verschijnen, waarin de oogst van de tussenliggende halve eeuw onderzoek na Gallée was verwerkt.⁴⁸

Oan it Meertens Instituut yn Amsterdam waard him lykwols noch desennia letter syn stamme-terminology út 'e oarlochsjierrren kwea-ôf naam. '[Van der Molen] hield vast aan de primaire invloed van deze stammen [Friezen, Franken, Saksen] op de oudere boerderijvormen. De diversiteit van boerderijtypen was, behalve aan de betrekkelijke geïsoleerdheid van de Nederlandse landschappen, volgens hem ook te danken aan de "Germaansche scheppingskracht". Het is duidelijk dat hier een germanofiel aan het woord was', skreau Dekker (2002, 224) oer Van der Molens haadstik oer it Nederlânske boerehûs yn 'e tredde printinge fan *Volk van Nederland* (1943b), foarbygeand oan de feitlike diskusje oer 'Ezinge'. Yn neifolging fan Dekker hat ek S. M. Elpers-von Samson-Himmelstjerna (2014, 92) it yn har proefskrift oer de weropbou fan pleatsen nei de wrâldoarloch oer 'Van der Molen, die de diversiteit van boerderijen aan 'Germaanse scheppingskracht' toeschreef en de Anschluss-gedachte toegedaan was (..)'. Ek sy meldt dat Van der Molen sympatisearre mei de 'stammentheorie', hoewol't er skreaun hie dat der 'aanvankelijk bij het huisonderzoek zeer zeker te veel gewicht aan [de] driestammigheid is toegekend' (nammentlik troch Gallée). Allinnich by de 'oudere huisvormen' spilen stamynfloeden op de foarmjouwing fan de huzen neffens him in rol.

Hjir leit fersimpeling fan syn tinken gau op 'e loer. Mei itselde rjocht soe men úthâlde kinne dat Van der Molen ien fan 'e earsten wie dy't de saneamde 'stammentheorie' relativearre hat, op syn minst al sân jier foar't Slicher van Bath der neffens syn sizzen in ein oan makke. It wie bygelyks gjin 'Germaanse scheppingskracht' dy't neffens him nei 1800 de stâlen omheech brocht hie; dêr wie 'yn it foarste plak in bidriuwoarsaeklike reden' foar, skreau er yn *It Heitelân* (1937, 259). En nochr is in jier letter yn *It Heitelân* (1938, 35): 'Oan 'e oare kant sis ik yetris, det de hege stâl wol in bidriuwsoarsaeklike reden hadde scil.' Sok tinken koe oars op kryptyk rekkenje fan kranteskriuwer Sybe Douwes de Jong, dy't yn in resinsje fan 'e boekútjefte *Oanteikeningen oer it Fryske boerehûs* fyntsjes opmurk dat Uilkema en Postma 'to folle de histoarysk-materialistyske kant útgeane mei't hja alles wat mei de bou fen it Fryske boerehûs út to stean hat, út easken fen praktyk

48. Ferwiisd wurdt nei Van der Molen 1941; 1943 en Hekker 1957.

en doelmjittigens ôfliede.⁴⁹ Mar ek yn 1939 hold Van der Molen fol. De iensidichheid fan it pleatsebou-ûndersyk, sa skreau er yn it earste fan in rige stikken oer de oerienkomsten tusken it âld-Fryske boerehûs en hûstypen dy't er súdlik fan Amsterdam oan 'e Suderseekust fûn hie, leit 'ongetwijfeld' dêr oan, dat ûndersikers har meast mar konsintrearre hiene op ien type en oannamen dat oare typen dêrfan ferskilden

als gevolg van aangenomen staminvloeden en -kenmerken. (..) Men vergat vaak, dat bij het totstandkomen van het boerenhuis zoals wij dat kennen, ook bepaalde bedrijfseisen en opvattingen een rol hebben gespeeld. Een boerderij toch is vóór alles een *boerenhuis*, en daarna pas een woning van Fries, Frank of Saks.⁵⁰

En, ta beslút fan dizze paragraaf, yn 1943 stiet it nochris dúdlik te lêzen: 'Het wil mij voorkomen dat de verschillen in den bouw der huizen en de ontwikkeling daarvan bij beide stammen teruggaan op verschillen in het bedrijf' (Van der Molen 1943a, 135).

5. *'Een studie over pepernoten wordt passend geacht'*

In twadde punt dat hjir omtinken freget binne diskusjes yn Nederlân en Dútsklân oer in eigentiidske folkskunde oan it begjin fan 'e sechstiger jierren. Op 1 septimber 1960 waard yn it Iepenloftmuseum yn Arnhim in konferinsje holden ûnder de titel 'Volksgebruiken in deze tijd'. Ien fan 'e trije sprekkers op dy dei wie Van der Molen. Opfallend genôch fentilearre dy folle modernere opfettingen oer it fakgebiet as syn akademysk foarme kollega's prof. dr. A. J. Bernet Kempers en dr. P. J. Meertens (Van der Zeijden 200, 39):

Zij waren namelijk bang voor politiek misbruik van de volkscultuur. Om het onschuldiger te maken, definieerden zij de volkscultuur als iets van vroeger. Het maakte dat zij een blinde vlek hadden voor allerlei moderne volksculturele gewoonten en gebruiken. Iemand als S. J. van der Molen, één van de andere sprekers op de dag, had daar veel meer oog voor.

'Een studie over pepernoten wordt passend geacht, maar een onderzoek naar de vraag, hoe en wanneer ijswafels, kauwgum en frites zijn ingeburgerd, vindt men minder aantrekkelijk', brocht Van der Molen ûnder mear nei

49. S. D. de Jong, 'Nije Fryske lûden. Nijs oer it Fryske boerehûs', *Leeuwarder Courant* (30 april 1938) 10.

50. 'Verwante greidboerderijen aan weerszijden der Zuiderzee', *Nieuwsblad van Friesland* (22 maaie 1939) 9.

foarren (Van der Molen 1960, 246). It fakgebiet soe him net inkeld beheine moatte ta de histoaryske folkskunde, wie er fan betinken. De folkskundige soe ek nijere ferskynsels bestudearje moatte, en him dêrneist ynsette moatte foar it yn stân hâlden of sels revitalisearjen fan âldere tradysjes. Dat er op dy punten net folle byfal krige, hie neffens Van der Zeijden (2000, 41) te krijen mei de eangst foar polityk misbrûk fan 'e folkskunde by Bernet Kempers en Meertens:

Zonder twiifel hing dit samen met de actuele, politieke betekenis die Van der Molen aan de volkskunde toekende. Van der Molen was een Friese nationalist die tijdens de oorlog zozeer verblind was dat hij in SS vaarwater belandde. Bernet Kempers en Meertens afkeer van de revitalisatie van gewoonten en gebruiken hing ongetwijfeld samen met hun wens om de volkskunde van deze politieke context los te maken.

Yntusken wie Van der Molen wol ien fan it bytsje folkskundigen dat út en troch wolris omtinken joech oan kontemporêne ferskynsels. Dêrby brûkte er soms regionale kranten as boarne, bygelyks yn in stik oer Palmpeaske en Peaske yn 'e parse fan Noardeast-Nederlân en in stik oer bedriuwfolkloare yn Twentske tekstylbedriuwen. Datsoarte fan stikken bleaune útsûnderingen, mar se wiene wol alhiel yn oerienstimming mei titel en geast fan it hânboek dat er yn 1961 ferskine liet: *Levend volksleven*. Lykas sein: de oerienkomst mei it yn datselde jier yn Dútslân ferskynde *Volkskunde in der technischen Welt* fan Bausinger is nijsgjirrich. Wy ha al sjoen hoefolle oft dat boek ûnder folkskundigen, ek yn Nederlân, op 't lêst losmakke hat. Bausinger situearre de folkskunde yn it grinsgebiet tusken *Volkskultur* en *Massenkultur* en kritisearre – lykas Van der Molen yn Arnhim dien hie – as 'gegenläufige Tendenz die Fixierung der Volkskultur auf vormoderne Formen und Inhalte' (Bausinger 2005, ii.).

Yn Amsterdam late de 'Tübinger' revolúsje krekt om 1970 hinne ta aksje, dy't de foarm oannaam fan 'ontmythologisering' fan 'verouderde concepten rond volk, volksaard en continuïteit'. Dy healwittenskiplike relikten mienden se benammen by âldere folkskundigen as Van der Molen en dy syn generaasjegenoot Tjaard W. de Haan gewaar te wurden (Dekker 2000, 53; Elpers von Samson Himmelstjerna 2014, 123). Wat wie it gefal? Yn 1970 wie de Dútse bondel *Abschied vom Volksleben* fan Jeggler en Geiger ferskynd, fan in jongere generaasje folkskundigen dy't it tinken fan Bausinger opkrigen hiene. 'Niet langer het traditionele plattelandleven van vroeger stond centraal, maar juist het alledaagse en onopvallende van de moderne samenleving hier en nu' (Van der Zeijden 2000, 172). Voskuil sleat him in

jier letter by de – dus net hiel nije – ynsjoggen oan yn syn bekend wurden stik ‘De Tübingers nemen afscheid om te blijven’ (Voskuil 1971). No ferwiet er Van der Molen en De Haan dat dy fan ’e folkskunde in rariteittekabinet fan ‘olde gebruke’ makke hiene (Van der Zeijden 2000, 59).

De fijân wie oanwiisd en de myte fan Voskuil as de grutte folkskundige fernijer yn Nederlân wie berne. Brânpunt fan dy nije myte waard in lêzing dy’t Voskuil yn july 1972 yn Stockholm holden hie op in folkskundich kongres oer plannen om ta in Europeeske folkskundige atlas te kommen. Hy spruts dêr oer de fersprieding fan krystbeammen yn Nederlân (Voskuil 1972). In ‘hoogtepunt in het conflict’ mei âldere folkskundigen, neffens Goossens (1979, 135). Yn it twadde diel fan *Het Bureau* (s. 530-545) hat Voskuil sels in fiksjonalisearre byld jûn fan wat syn alter ego Maarten dêr yn Sweden oerkaam. Goossens (1979, 135) parafrazearet:

Hij neemt hoe langer hoe actiever aan de eigenlijke wetenschappelijke discussie deel en maakt zich - deels tot zijn eigen verbazing - tot spreekbuis van de jonge generatie. Die rekent af met het statische beeld van de volkscultuur vóór de in tijd en ruimte gespreide doorbraak van de industrialisering in Europa.

Yn it ramt fan it Europeeske projekt wiene oan it Meertens Instituut kaarten tekene fan de fersprieding fan de krystbeam yn Nederlân yn 1900 en 1934, foar in part basearre op in âlde fragelist út dat lêste jier fan ’e Folkskundekommissje fan ’e Keninklike Nederlânske Akademy fan Wittenskippen. Mar folle wizer waard men dêr net fan. It iennichste wie dat de krystbeam yn ’e jierren tritich folle faker foarkaam as om 1900 hinne, mar fan regionale ûntjouwingen blik neat. Oanslutend op syn lêzing yn Stockholm konkludearre Voskuil yn in lêzing foar Dútske studinten, ek yn 1972, dat men sadwaande neat sizze koe oer it ferspriedingsproses, en dat ynstee fan in kartografyske earder in kultuerhistoaryske beneiering noadich wie, dêr’t men dan de faktoren dy’t by de fersprieding in rol spilen, fêststelle kinne soe (Voskuil 1973).

Mar hoe iroanysk: Voskuil syn as tige fernijend beskôge útstellen kamen del op it folgjen fan krekt deselde wurkwize dy’t Van der Molen al twa desennia earder (!) tapast hie, op itselde ûnderwerp en basearre op presys deselde fragelist, dêr’t doe noch net ien oer skreaun hie. Yn in grut stik yn ’e *Leeuwarder Courant* hie er him al yn 1951 bûgd oer it fraachstik fan de ynfiering en fersprieding fan de krystbeam yn Fryslân. Syn konklúzje wie dat de beam al yn ’e tachtiger jierren fan ’e 19e ieu hjir en dêr foarkaam, mar krekt nei 1900-1910 mear en mear ynboargere rekke, it earst by de mear

wolstelde boargerij. It sukses fan de beam kaam op konto fan benammen frijsinnige tsjerken en sneinsskoallen, dy't de beam ynfierd hiene nei Dútsk foarbyld (Van der Molen 1951):

Een onderzoek in 1951 zou stellig aantonen, dat de groene boom met zijn lichtjes sedert [1934] in sterke mate terrein heeft veroverd, ook in de kringen, die zich aanvankelijk tegen deze import hebben gekeerd, omdat zij zich de a-kerkelijke afkomst ervan zeer wel bewust waren. Misschien is men daar meer overgehield tot de opvatting die de correspondent in Ouwsterhaule huldigde (wiens uitspraak wij overigens vooral wat het eerste gedeelte betreft geheel voor zijn rekening laten!), toen hij schreef: 'De vrijzinnigen en ongelovigen hebben een kerstboom voor de aardigheid, de meer rechtzinnigen voor meerdere wijding van het kerstfeest.'

Alve jier letter, yn 1962, kaam Van der Molen nochris mei gegevens oer de fersprieding fan 'e krystbeam. Ut in NIPO-enkête yn 1959 hie bliken dien dat de krystbeam by 78 prosint fan 'e roomsken yn 'e keamer kaam, by 67 prosint fan 'e herfoarmen en bûtentsjerkliken en mar by 53 prosint fan 'e grifformearde. Ek koe er melde dat de beam al hûndert jier earder bekritisearre west hie troch net ien oars as de Fryske provinsjaal archivaris Eelco Verwijs, dy't melding makke fan in besykjen om Sinteklaas fertocht te meitsjen en ynstee dêrfan de bern in krystbeam te jaan. 'Laat Deutschland zijn Kerstboom en Kerstkindeken (..), maar laat ons onze Sinterklaas' (Van der Molen 1962). Ut it feit dat Waling Dykstra yn *Uit Friesland's volksleven* mei gjin wurd rept fan 'e krystbeam, late Van der Molen ôf dat dat 'besykjen' yn 't earstoan net folle sukses hân hawwe moat.

6. *'It kin bêst wêze dat ik der sels wat tusken goaid ha'*

It tredde en lêste ûnderdiel fan syn wurk dat ik hjir nei foarren helje wol, bestiet út in oantal publikaasjes op it terrein fan 'e Fryske folksferhalekunde. It giet my dan net sa lyk om syn bekend fjouwerdielich *Frysk sêgeboek* (1939-1943) en de oanrin dêrhinne, mar om syn ferhâlding ta it Fryske folksferhaal yn 'e jierren sechstich, santich en tachtich, doe't de grutte samlingen fan Dam Jaarsma en Ype Poortinga ta stân kamen en Jurjen van der Kooi promovearre op in mânske stúdzje nei it Fryske folksferhaal (Van der Kooi 1984). Van der Molen makke dy aktiviteiten fan 'e sydline ôf mei. Om 1940 hinne hie er, as earste yn 'e fuotleaten fan Waling Dykstra, tal fan sêgen byinoar fandele. Nei 1950 beheinde er him foar in grut part ta it beskriuwen fan 'e skiednis fan it folksferhale-sammeln. No seach er, tweintich, tritich jier letter en grif ta syn benijing, dat yn Fryslân út de mûle fan folksfertellers

noch tûzenen (om kreker te wêzen: hast 23.000) folksferhalen, benammen mearkes, optekene wurde koene. Fansels late dat ta de fraach: hoe koe dat?

Foar de Fryske Akademy yn Ljouwert, der't Poortinga foar wurke en dêr't er adjunkt-direkteur wie, stie yn 'e santiger jierren fêst dat syn sammelaktiviteiten fan grut belang wienen foar de Fryske folkskunde. By de boekpresintaasje yn Eastermar fan Poortinga syn *De ring fan it ljocht*, op 26 maaie 1976, woe Klaas de Vries, wittenskiplik direkteur fan 'e Akademy, ha dat Poortinga syn wurk op trije punten fan wittenskiplike betsjutting wie: 1) der waarden folksoerleveringen fêstlein dy't oars ferdwine soene; 2) dy folksoerleveringen wiene wichtige boarnen fan kennis oer 'de tinkwrâld fan de sljochtweihinne Friezen', dus fan it Fryske folk, en 3) oantoand wie no dat Fryslân ien fan 'e nijsgjirrichste 'mearelânskippen' fan West-Europa wie, foaral foar wat it oantal foarkommende typen folksferhalen oanbelange (De Vries neamde in oantal fan 650 typen, wat delkomme soe op 20 prosint fan it totaal op 'e hiele wrâld).⁵¹

Al gau waarden lykwols fraachtekens set. Hoefolle fantasij fan 'e fertellers sels siet der eins yn 'e optekene ferhalen ferwurke? Hoe wie it mooglik dat guon fertellers hûnderten en hûnderten mearkes en sêgen en oarssoartige ferhalen nei foarren bringe koene? Mear as in tredde fan 'e ferhalen dy't Poortinga by einsluten yn syn sândielige rige notearje soe, kaam fan mar twa fertellers. De earste wie Roel Piters de Jong út Ousterhaule, dy't mar leafst 1300 stik ferteld hie (neffens Poortinga wie De Jong 'de grand old man ûnder de fertellers fan folksforhalen').⁵² De twadde wie Steven de Bruin út Ljouwert, oarspronklik út Surhústerfean, dy't tekene foar tûzen stik. 'It kin bêst wêze dat ik der sels hwat tusken goaid ha', hat De Jong in kear tajûn (Van der Molen 1978, 31). Yn 'e earste helte fan 'e santiger jierren kaam Poortinga alle wiken wer by dy twa hearen op besite, om se, yn jargon, 'út te melken'. Hieltyd wer blik soks in nije rispinge op te smiten. Wiisd waard op it ûnbidige ûnthâld fan 'e twa boarnen en op har komôf út typyske fertellersmiljeus. De Jong kleemde oars dat Poortinga mei him finânsjele ôfspraken makke hie: yn ruil foar syn fertellingen soe er jild krije as de ferhalen publisearre waarden.⁵³

51. [An.], 'Dr. Ype Poortinga kin noch jierren fierder mei syn folksforhalen', *Leeuwarder Courant* (28 mei 1976) 25.

52. [An.], 'Skriuwers fan koarte forhalen kinne soad leare fan Roel Piters', *Leeuwarder Courant* (14 septemmer 1978) 28.

53. [An.], "'Masterferteller" Roel Piters fielt him tekoart dien', *Leeuwarder Courant* (21 novemmer 1981) 19; [An.], 'Het verhalenfenomeen Steven de Bruin', *Leeuwarder Courant* (21 juni 1976) 6. Poortinga hat it bestean fan ôfspraken mei De Jong erkend, mar

Ien fan 'e earsten mei krytyk wie Van der Molen. Yn syn resinsje fan diel twa, *It fleanend skip* (1977) mei inkeld mar ferhalen fan De Bruin, skreau er dat mear as de helte fan 'e ferhalen net trochgean koe foar folksferhaal yn 'e sin fan mûnling trochferteld folkloristysk ferhaal. Gauris wienen de ferhalen fan De Bruin net thús te bringen oan 'e hân fan 'e bekende ynternasjonale katalogus fan tema's en motiven yn folksferhalen fan Aarne/Thompson, en ek hienen se gjin oerienkomsten mei ferhalen dy't út oare boarnen bekend wiene. De ymplikaasje wie fansels dat De Bruin se foar in part, of foar in grut part, sels betocht hawwe moast (Van der Molen 1977, 33). Soks hie er ek al suggerearre oangeande 35 fan de 89 ferhalen fan De Bruin yn *De ring fan it ljocht* (Van der Molen 1976, 27). En diel fiif yn 'e rige, *It gouden skaakspul* (1980), ek folslein bestaand út ferhalen fan De Bruin, krige fan him in noch krytysker kommentaar (Van der Molen 1980, 34). Foar syn twi-vels kaam stipe fan Ton Dekker, dy't De Bruins 'literairachtige' wize fan fertellen yn *It fleanend skip* ek opfallen wie (Dekker 1977, 110):

Maar hij is tevens een welbespraakt en fantasierijk man. Ik ben daarom geneigd om bij zijn literairachtige verteltrant ernstig rekening te houden met het feit dat zijn verhalen minder zijn gevormd door zijn vertelervaring dan door zijn geheugen in samenwerking met zijn fantasie.

Op de kolleksje-Jaarsma (tagonklik fia de Nederlandse Volksverhalenbank fan it Meertens Instituut) soe faaks deselde krytyk fan tapassing wêze kinne, mar Jaarsma is dêr fierhinne foarwei kaam, ek mei om't syn ferhalen net yn boekfoarm publisearre binne. Oan 'e basis fan it probleem lizze de ûndúdlike definysjes dy't de folksferhalekunde sels oan it begryp 'folksferhaal' joech. Jurjen van der Kooi kaam yn 1975 mei in omskriuwing fan mearkes: '(..) alle forhalen fan in fiktyf karakter, dy't mounling oerdroegen wurde of binne, en dy't ûnderbrocht wurde kinne yn de genres diereteltsjes, wûnder-, leginde-, novelle- en kumulative mearkes en de grappige en domme-duvelteltsjes; mei oare wurden, suver alles hwat gjin sêge is' (Van der Kooi 1975, 103).⁵⁴ Mearkes, mar ek sêgen en leginden binne folksferhalen dy't fan mûle ta mûle gean, mar hoe faak? Is ien kear fertellen genôch? En hoe witte wy oft it net gewoan giet om spontane oanfollingen op of feroaringen fan in bekende stoarje? Dêrnei skriuwt er ek dat folksferhalen net inkeld by 'it folk' socht wurde moatte, 'mar ek yn syn lektuer' (Van der Kooi 1975,

sei dat dy inkeld jildich wienen yn it gefal de ferhalen yn in Nederlânske oersetting út-jûn wurde soene.

54. 'Folktales' neffens de Aarne/Thompson, 'sprookjes' yn Nederlân.

110). Dus ek skriftlike mearkes dy't net mûnling ferteld wurde oan de ûndersiker telle mei.

Dy brede opfetting leit ûnder Van der Kooi syn lettere proefskrift, dat wol in yndrukwekkend kompleet ynsjoch jout yn wat allegear wol net as 'Frysk folksferhaal' troch de mesken kin, mar it definysjeprobleem bliuwt. Lykas de fraach wat wy dan mei al dy al of net 'âlde' en al of net 'mûnling trochjûne' teksten oanmoatte. Wat it earste punt oanbelanget, kaam Van der Kooi (1998, 239) mei it útstel dat as in ferhaal mar troch ien of in pear lju mûnling ferteld wurdt, it dan yn alle gefallen ta de kategory 'oraal trochjûne' folksferhalen heart:

een volksverhaal is een fictief verhaal dat langer of korter (dat doet er niet toe) in een grotere of kleinere geografische ruimte (en de omvang van die ruimte doet er evenmin toe) in de mondelinge overlevering circuleert of heeft gecirculeerd. Dat dit verhaal in elk geval in deze Friese tijd en ruimte zijn oorsprong vond, niet in een ouder oraal circuit, maar in een duidelijk aanwijsbare en vrij jonge literaire bron, doet er ook niet toe. Het is een gehoord en vervolgens weer doorverteld verhaal en dus een volksverhaal.

Alwer is it probleem net fuort. As ik in ferhaal optink en it oan ien persoan fertel, is it dan automatysk in 'folksferhaal'? It is in ferhaal, mar it wurdt net troch 'it folk' ferteld en it is gjin wjerspegeling fan in 'folksmûle'. Mei de reklikens fan syn omskriuwingen hat de folksferhalekunde dy't him rjochtet op tradisjonele, katalogisearre foarmen fan trochfertellen himsels op in dead spoar set. Folksferhalekunde hat wilens in folle bredere belangstelling kriegen en sjocht no ek nei him werheljend deistich taalgebrûk en allerhanne mûnlinge trochfertellingen, moppen en 'broodje aap' ferhalen. Net langer is it noadich dat in folksferhaal oer in langere perioade meardere kearen ferteld wurdt (want dat is dochs net te bewizen). En net langer is it noadich dat in folksferhaal passe moat yn 'e Aarne/Thompson klassifikaasje (want hiel faak hat bliken dien dat ferhalen dêr net yn pasten). En net langer moat it 'autentyk' wêze, dat wol sizze, net mar optocht troch de ferteller (want dat is ek net te bewizen).

Yn itselde stik moast Van der Kooi tajaan dat it begryp 'folksferhaal' 'eigenlijk nooit gedefinieerd' wurdt, lês: definiearre wurde kîn (Van der Kooi 1998, 239). Sa helle er de facto in streek troch de pretinsje fan de Fryske Akademy, noch yn 1976 utere, dat de kolleksjes fan Jaarsma en Poortinga refleksjes binne fan in bestand substraat fan âlde, troch de folksmûle oerlevere folksferhalen dy't wat sizze oer 'it Fryske folk' – in pynlik tinkpro-

ses, dat begûn wie mei de earste fraachtekens fan Van der Molen. Pynlik om't wittenskiplike en ek Frysk-nasjonale pretinsjes yn 'e kiif kamen te stean.

De oplossing dy't op it Meertens Instituut foar it definysjeprobleem socht waard wie deselde as dy fan Van der Kooi: der is gjin probleem. Folksferhale-ûndersiker Theo Meder en antropolooch Eric Venbrux skreaune yn 2004 nei oanlieding fan Jaarsma syn samling oer de algemiene teneur ûnder harren fakgenoaten, dat yn it moderne folksferhale-ûndersyk 'demands for authenticity' langer net jildich wêze koene, en dat soks foar it moderne folksferhaal ek neat útmakke:

Demands for authenticity have largely been abandoned in contemporary folk narrative research: Every story is as (un)authentic as the next, it does not matter whether the tradition is old or young, or whether the tale stems from oral or written sources (or visual media, for that matter). Tales are no longer regarded as representative for a regional or local culture; sometimes they are representative for specific social groups, but above all they belong to the repertoire of one person and one person only: the narrator. From an ethnological point of view, folktales are not useless at all; one simply has to know what to do with them, and avoid to be bothered by questions of authenticity too much (Meder en Venbrux 2004, 210).

Mar - 'what to do with them'? Yn 2010 kaam Meder mei in oplossing dy't sawol in konstataarring as in útstel like: tsjintwurdich wurdt 'de volkscultuur' gauris ynset, of soe ynset wurde kinne, as 'leverancier van iconen van eigenheid'. Dat is de muoite fan it bestudearjen wurdich. Guon folksferhalen hâlde ferbân mei lokale lânskippen en lokale figueren ('place branding') en mei 'lokale groepen en gemeenschappen die een bepaald volksverhaal als "eigen" opeisen of toeëigenen' (Meder 2010, 14). De tradisjonele folksferhalen, oft it no folksferhalen binne of net, binne 'erfgoed' wurden, dy't lange histoaryske tradysjes *suggerearje*. Sa kinne se lykas de moderne fertelstof brûkt wurde om

een imago te bouwen en een identiteit te creëren, die naar binnen toe – al is het maar tijdelijk – een saamhorigheidsgevoel teweeg brengt, en naar buiten toe in culturele, commerciële of recreatieve zin de aandacht trekt. Volksverhalen kunnen op één of andere manier appeleren aan een collectief verleden en meer nog aan gedeeld erfgoed (Meder 2010, 17).

Lokale ûndernimmers sjoppe nei handige ideeën, en oaren miskien om de bewenners fan sis de Fryske Wâlden oan in (ekstra) 'lokaal wij-gevoel' te helpen. Folksferhalen, de tradisjonele en de moderne, wurde troch oerheden

of partikulieren identiteitsrepresintaasjes taskreaun om de lokale of regionale ‘groupness’ te aktivearjen. Bausinger hat ris it doedestiids ûnder fjoer lizzende begryp *Folklorismus* fan syn kollega Hans Moser treflik yllustrearre troch te wizen op in ûnbidige tentoanstelling fan beskildere peaske-aaien, yn 1986 yn it Dútse Erpzingen, ‘die aber letztlich der Stärkung lokaler Identität dienen soll’ (Bausinger 1988, 323).

7. Ta beslút

Is no it folkskundige wurk fan Sytse Jan van der Molen net yniienen nijsgjirriger en ‘moderner’ wurden as dat syn Amsterdamske kollega’s yn ’e jierren santich mienden dat it wie? Hy hat oer folle mear, faak lokale ûnderwerpen en tema’s in hiele hege berch teksten skreaun – men soe syn produksje nei de oarloch suver twangmjittich en obsessyf neame kinne – mar de kearnpunten út syn wurk dy’t ik hjir de revue passearje litten ha, nûgje wol út ta dy konklúzje. Men kin yn dat wurk in spanning waarnimme tusken it romantyske, Frysk-nasjonale en ‘folkske’ tinken dêr’t er as folkskundige yn opgroeide, dat him eigen wie en dat er him eigen makke – en dat de grûnslach foarmet fan syn kollaboraasje yn ’40-’45 – en in mear aventuerlik-ûndersykjende ympuls dy’t dêr sawol foar as nei de oarloch gauris heaks op stien hat. Stammeteory of bedriuwoarsaken? Tradisjonele of fernijende folkskunde? Echte of sabeare folksferhalen? Yn de oanpak fan dy trije fraachstikken hat syn wurk in oergongsfunksje hân dy’t it fakgebiet fierder brocht hat, sa mei men, weromsjend, miskien wol sizze.

Yn ’e resepsje is dy diminsje net of net genôch nei foarren komd, wat sûnder mis te krijen hân hat mei syn oarlochsferline. Wylst Van der Molen nei de oarloch wol tal fan funksjes beklaaid hat op folkskundich mêd - ûnder oaren redaksjelid fan *Neerlands Volksleven*, bestjoerslid fan it Nederlands Volkskundig Genootschap, fan it Fries Scheepvaartmuseum, de Stichting Alde Fryske Tsjerken, ensafh. - is de dissipline in djipper dollend hifkjen fan syn wurk dochs fierhinne út ’e wei gien. Oan ’e iene kant wie der respekt, oan ’e oare kant makke de oarloch in fierdere of mear nuânsearre diskusje blykber ûnmooglik.⁵⁵ It Meertens Instituut en de Fryske Akademy

55. Dizze kombinaasje fan respekt en ôfstân kin bygelyks oantroffen wurde yn Dekker (2000; 2002) en Van der Zeijden (2000). In nuânsearre byld fan Van der Molen syn wurk en hâlden en dragen joegen earder Frieswijk (1995; 1999) en Dam (1995) 22: ‘Yn myn ôfkarring, ja ôfkear fan it foute paad dat er yn de besettingsjierren ynslein is stean ik net allinne. Yn myn wurdearring foar wat er yn syn bêste tiden as alsidich skriuwer prestearre hat grif ek net? Hy wie ien dy’t hast alles koe, thús as er wie op suver elk mêd fan kultuer en keunst. Syn begienens mei Fryslân wie grut - te grut?’

‘toonden zich wat hem betreft wat kopschuw vanwege zijn oorlogsverleden’, skriuwt Frieswijk (1999, 33). Sa hat er syn posysje as Nederlânsk folkskundige net fierder útbouwe kind en hat er it swierpunt fan syn wurk lein by de popularisearjende Fryske folks- en geakunde dy’t er as breawinning foaral foar de *Leeuwarder Courant* en *Frysk en Frij* beoefene.⁵⁶

Foar syn bydrage oan dy Fryske folks- en geakunde krige er yn 1968 op it stedhûs fan Boalsert wol de provinsjale Joast Halbertsma-priis útrikt. De advyskommisje stie ûnder foarsitterskip fan J. J. Kalma. Fan de oarloch wie doe gjin praat, al hat Kalma noch wol opmurken dat de takenning fan de wittenskipspriis net sjoen wurde moast as in ‘soarte fan pleister op de wouwen, dy’t it libben sloech’ of as in ‘rehabilitaasje’. Hy neamde de laureaat sawol in ‘sneuper’ as in wittenskipper, en wat tematysk ferskaat en omfang fan syn wurk oanbelange in ‘meunster’. ‘Wy binne by jo yn ’e skuld’, sa sei er. Kommissaris fan de Keningin mr. H. P. Linthorst Homan fette it advys sa gear:

De commissie stelt in haar rapport, dat het werk van de heer Van der Molen een grote werkkraft en originaliteit toont, zo mede een vermogen om kleine feiten in groter verband te zetten. Hij heeft ook het vermogen om zijn kennis overeenkomend de aard en de smaak van het volk – kortom ‘folksaerdich’ – zo naar voren te brengen, dat een groot publiek kan meelevens met de onderwerpen, feiten en omstandigheden, die hij beschrijft.⁵⁷

Fertsjinsten fan Sytse Jan van der Molen, net as Frysk mar as Nederlânsk folkskundige, fertsjinsten dy’t yn Boalsert net oan ’e oarder komme koene, meie dêr no dochs wol by opteld wurde. Se jouwe syn wurk net inkeld histoaryske, sosjale en geografyske breedte, mar ek teoretysk reliëf.

Fryske Akademy
abedevries@hotmail.com

56. Ek bleau er gearwurkjen mei de Fryske Akademy, sjoch bygelyks publikaasjes as *Syk-ljocht op 'e Wâlden* (Fryske Akademy, Ljouwert 1953); *Taspraken fan J. J. Kalma en S. J. van der Molen by de útrikking fan de Joast Halbertsma-priis 1968* (Fryske Akademy, Ljouwert 1969), *Op eigen manneboet op nammen út* (Fryske Akademy, Ljouwert 1985), en syn belutsenens as redakteur by en bydragen oan de folkskundige jierboeken fan de Akademy. Foar de *Leeuwarder Courant* skreau er neist stikken oer folks- en geakunde ek toanielresinsjes.

57. [An.], ‘Commissaris Koningin: beste sneuper van laatste tijd is S. J. van der Molen’, *Leeuwarder Courant* (11 oktober 1968) 11. Foar de redes fan Kalma en Van der Molen, sjoch: *Taspraken fan J.J. Kalma en S.J. van der Molen by de útrikking fan de Joast Halbertsma-priis 1968* (Fryske Akademy, Ljouwert 1969).

LITERATUER

- Bausinger, Hermann (1988). 'Da capo Folklorismus'. In: A. Lehmann en A. Kuntz (red.). *Sichtweisen der Volkskunde*. Lebensformen 3. Berlin/Hamburg: Dietrich Reimer Verlag, 321-328.
- Bausinger, Hermann (2005). *Volkskultur in der technischen Welt*. [erweiterte Neuausgabe]. Frankfurt/New York: Campus Verlag [or. 1961: Stuttgart: W. Kohlhammer].
- Breuker, Philippus, red. (2010). *Obe Postma. Veld, huis en bedrijf. Landbouwhistorische opstellen*. Hilversum: Verloren.
- Dam, Freark (1995). 'Sa Sydlings. Oantinken'. *Leeuwarder Courant* (29 septimber) 22.
- Dekker, Ton (1977). 'Literatuur: boeken'. *Volkskundig Bulletin* 3-2, 109-110.
- Dekker, Ton (2000). 'Ideologie en volkscultuur ontkoppeld: een geschiedenis van de Nederlandse volkskunde'. In: Ton Dekker et. al. (red.). *Volkscultuur. Een inleiding in de Nederlandse etnologie*. Nijmegen: SUN, 13-65.
- Dekker, Ton (2002). *De Nederlandse volkskunde. De verwetenschappelijking van een emotionele belangstelling*. Amsterdam: Aksant.
- Elpers-von Samson-Himmelstjerna, S. M. (2014). *Erfenis van het verlies. De strijd om de wederopbouw van boerderijen tijdens en na de Tweede Wereldoorlog*. [Dissertaasje, Universiteit van Amsterdam]. Amsterdam: UvADARE.
- Frieswijk, Johan (1995). 'Op zoek naar S. J. van der Molen, volkskundige en historicus'. *Fryslân* (desimber), 15-18.
- Frieswijk, Johan (1999). 'Over boerenhuizen, ûleboerden en kippentrappe-tjes. Volkskundige activiteiten in Friesland in de periode 1918-1945'. *Volkskundig Bulletin* 25-1, 1-38.
- Goossens, J. (1979). 'Het wetenschappelijk bedrijf in Voskuils roman *Het Bureau*'. *Literatuur* 14, 130-137.
- Heijden, Chris van der (2001). *Grijs verleden. Nederland en de Tweede Wereldoorlog*. Amsterdam: Boom.
- Hekker, R. C. (1957). 'De ontwikkeling van de boerderijvormen in Nederland'. In: S. J. Fockema Andreae, R. C. Hekker en E. H. ter Kuile. *Duizend jaar bouwen*, dl. 2. Amsterdam: Allert de Lange, 197-316.
- Hinz, Hermann (1964). *Zur Vorgeschichte der Niederdeutschen Halle*. *Zeitschrift der Volkskunde* 60-1, 1-22.

- In 't Veld, N. K. C. A., red. (1976). *De SS en Nederland. Documenten uit SS-archieven 1933-1945. Dl. 2: Documenten 1943-1945.* 's Gravenhage: Martinus Nijhoff.
- Jeggle, Utz, en Klaus F. Geiger, red. (1970). *Abschied vom Volksleben.* Tübingen: Tübinger Vereinigung für Volkskunde.
- Jensma, Goffe (1998). *Het rode tasje van Salverda. Burgerlijke cultuur en Friese identiteit in de negentiende eeuw.* Leeuwarden: Fryske Akademy.
- Jensma, Goffe (2010). 'Plat land, diepe geschiedenis. Friesland als trauma'. *De Vrije Fries* 90, 207-222.
- Knibbe, Merijn (2008). 'Obe Postma als landbouwhistoricus'. *Wjerklank* 2-3, 14-18.
- Kooi, Jurjen van der (1975). 'Folksforhalen as fortelstoffe'. Yn: *Philologia Frisica Anno 1975.* Ljouwert: Fryske Akademy, 103-121.
- Kooi, Jurjen van der (1984). *Volksverhalen in Friesland. Lector en mondelinge overlevering. Een typencatalogus.* [Dissertaasje, Rijksuniversiteit Groningen]. Groningen: Stichting FFYRUG/Stichting Sasland.
- Kooi, Jurjen van der (1998). 'Het sprookje tussen orale en schriftelijke overlevering'. *Volkskundig Bulletin* 24-3, 238-254.
- Kuip, F. J. van der (1987). 'Poëzij: 1935-1941' [Doktoraalskripsje, Vrije Universiteit]. Yn: A. Feitsma et. al. (red.). *Co-Frisica III.* Amsterdam/Kiel: Stúdzjerjochting Frysk, Vrije Universiteit/Fach Friesische Philologie, 1-75.
- Meder, Theo (2010). 'Volkscultuur en identiteit. Het volksverhaal als icoon van de lokale gemeenschap'. *Levend erfgoed. Vakblad voor public folklore & public history* 7-2, 14-21.
- Meder, Theo, en Eric Venbrux (2004). 'Authenticity as an analytic concept in folkloristics. A case of collecting folktales in Friesland'. *Etnofoor* 17-1/2, 199-214.
- Molen, S. J. van der (1940). 'Ezinge: Saksische of Friesche huizen? Een vergelijkende studie'. *Tijdschrift van het Koninklijk Nederlandsch Aardrijkskundig Genootschap* 57, 804-815.
- Molen, S. J. van der (1941a). 'De Nederlandsche boerenhuistypen en hun bestudeering'. *Volksche Wacht* 6 (november) 239-245.
- Molen, S. J. van der (1941b). *Het Saksische boerenhuis in Zuidoost-Friesland.* Groningen: Het Noorder Land.
- Molen, S. J. van der (1942a). *Het Drentsche boerenhuis en zijn ontwikkeling.* 's Gravenhage: Hamer [Werpr. Arnhem: Gijsbers & Van Loon, 1970].

- Molen, S. J. van der (1942b). 'Wy wachtsje op it biwys'. *It Fryske Folk* 7 (november) 3.
- Molen, S. J. van der (1943a). *Het Friesche boerenhuis in twintig eeuwen*. Assen: Van Gorcum [2^e pr.].
- Molen, S. J. van der (1943b). 'Het boerenhuis in Nederland'. In: J. de Vries (red.). *Volk van Nederland*. Amsterdam: Elsevier [3^e wizige pr.], 81-115.
- Molen, S. J. van der (1948). 'Klaas Uilkema (Grouw, 2 October 1873 - Groningen, 3 Februari 1944)'. In: *Jaarboek van de Maatschappij der Nederlandse Letterkunde te Leiden, 1946-1947*. Leiden: E. J. Brill, 139-145.
- Molen, S. J. van der (1951). 'De kerstboom is in Friesland pas na 1900 ingeburgerd. Kerk voerde hem naar Duits voorbeeld in, gezin volgde later'. *Leeuwarder Courant* (22 desimber) 10.
- Molen, S. J. van der (1960). 'Een stem uit het noorden'. *Neerlands Volksleven* 10-4 241-248
- Molen, S. J. van der (1961). *Levend volksleven*. Assen: Van Gorcum.
- Molen, S. J. van der (1962). 'In 1883 brandde in Hallum al lichtjesboom. In 19^e eeuw begon kerstboom zegetocht buiten Duitsland; maar Leeuwarder Eelco Verwijs critiseerde in 1862 dat gebruik'. *Leeuwarder Courant* (22 desimber) 29.
- Molen, S. J. (1969). 'Fries en Saksisch boerenhuis zijn geen familie: oud-Fries huis wortelt in de ijzertijd'. *Leeuwarder Courant* (19 july) 21.
- Molen, S. J. van der (1976). 'De ring fan it ljocht'. *Leeuwarder Courant* (12 juny) 27.
- Molen, S. J. van der (1977). "'It fleanend skip" fan Steven de Bruin'. *Leeuwarder Courant* (19 maart) 33.
- Molen, S. J. van der (1978). 'In boekfol folksforhalen'. *Leeuwarder Courant* (16 septimber) 31.
- Molen, S. J. van der (1980). 'Wêr kriget de fantasije de oerhân?'. *Leeuwarder Courant* (4 oktober) 35.
- Molen, S. J. van der (1982). 'Aandacht voor het Friese boerenhuis. De geschiedenis van het onderzoek'. *De Vrije Fries* 62, 81-101.
- Olst, E. L. van (1991). *Uilkema, een historisch boerderij-onderzoek. Boerderij-onderzoek in Nederland 1914-1934*. Deel 1. [Dissertaasje, Rijksuniversiteit Leiden]. Arnhem: Stichting Historisch Boerderij-onderzoek.
- Postma, O. (1937a). 'Over het friesche boerenhuis in de 16e en 17e eeuw'. *De Vrije Fries* 34, 6-28.

- Postma, O. (1937b). *De Fryske boerkerij en it boerelibben yn 'e 16e en 17e ieu*. Sneek: Brandenburgh & Co.
- Schaaf, Sjoerd van der (1977). *Skiednis fan de Fryske Biweging*. Ljouwert: De Tille.
- Uilkema, Klaas (1916). *Het Friesche boerenhuis. Onderzoek naar het ontstaan van het tegenwoordige boerenhuis in Friesland*. Leeuwarden: Friesch Genootschap.
- Uilkema, Klaas (1933). *Het ontstaan der huistypen in Nederland*. Dl. 1. S. pl., S. útj.
- Voskuil, J. J. (1971). 'De Tübingers nemen afscheid om te blijven'. *Volkskunde* 72, 369-374.
- Voskuil, J. J. (1972). 'Kerstblok en kerstboom in Nederland'. *Volkskunde* 73, 351-355.
- Voskuil, J. J. (1973). 'Die Diffusion des Weihnachtsbaumes in den Niederlanden'. *Rheinisch-westfälische Zeitschrift für Volkskunde* 20, 92-104.
- Vries, Oebele (1971). 'Friezen en fascistien'. *Groniek* 16, 150-158.
- Vries, Abe de (2005). 'Bycht, bea en ferlossing. De poëzy fan de mystikus Douwe Hermans Kiestra'. Yn: id. (red.). *Douwe Hermans Kiestra. Skielk beart de hjerst. Blomlêzing*. Ljouwert: Frysk en Frij, 7-61.
- Vries, Abe de (2015a). 'Ter handhaving van de boereneer. Lânbou en mien-skip neffens Sybe Douwes de Jong, 1934-1943'. Yn: id. *Erfskip & krisis. Essays oer Fryslân en Fryske literatuer* 2. Utrecht/Leeuwarden: De Contrabas, 65-74.
- Vries, Abe de (2015b). 'De achterkant fan Arkadië. Erfjocht, erflikheid en religy yn de Fryske boeremyte'. Yn: id. *Erfskip & krisis. Essays oer Fryslân en Fryske literatuer* 2. Utrecht/Leeuwarden: De Contrabas, 75-81.
- Wijers, Carla (1999). 'Interview met Ton Dekker'. *Volkskundig Bulletin* 25-2/3, 103-120.
- Zeijden, Albert van der (2000). *De voorgeschiedenis van het Nederlands Centrum voor Volkscultuur. De ondersteuning van de volkscultuurbeoefening in Nederland 1949-1992*. Utrecht: Nederlands Centrum voor Volkscultuur.
- Zondergeld, Gjalt (1978). *De Friese beweging in het tijdvak der beide wereldoorlogen*. Leeuwarden: De Tille.
- Zondergeld, Gjalt (1981a). 'Frieslands bloed en bodem'. *NRC Handelsblad* (20 juni) Z6.
- Zondergeld, Gjalt (1981b). 'It Fryske Folk (I en II) en Frysk Folksblêd'. *It Beaken* 43, 148-152.